

JUST. BE. YOUNG.

The application of Leeuwarden and the 35 surrounding villages for European Youth Capital 2028

20
28



Among the many who helped shape our bid:

Kiki (14), Vince (12), Jari (14), Riley (13), Naomi (13), Ralph (13), Avery (12), Dounia (15), Matilda (16), Giannelly (15), Amber (20), Lotte (17), Jildou (10), Santana (20), Joeri (19), Vera (23), Geniet (20), Karst (13), Tirna (12), Lilly (24), Francesco (23), Felina (26), Theo (26), Pia (27), Beatrij (22), Daniel (27), Sham (18), Siver (17), Nick (14), Irene (21)

"When I first set foot in Leeuwarden, I was instantly mesmerised. It had everything I'd been missing back home: clean air, green spaces, a welcoming vibe, and good transport infrastructure. That was my first impression. Now, as I near the end of my second year at university, those feelings have only grown stronger. I've gotten to know a Leeuwarden that's vibrant, energetic, and full of opportunities for learning, sports, and fun. When I applied to be editor-in-chief for this questionnaire, it felt like the perfect way to give back to the community that's given me so much. I wrote it with both an open heart and a critical eye, trying

to capture how young people in and around Leeuwarden see their region. And I wasn't alone. Many other youngsters helped shape this document, whether by sharing ideas, reviewing drafts, giving feedback, co-writing the initial bid, etc. I hope this questionnaire helps you see Leeuwarden through our eyes, with its challenges and opportunities, and a shared focus on constant improvement and meaningful youth participation."

- Mihai Cășălean, 20 years old, international student at NHL Stenden University in Leeuwarden, from Romania

Bankgegevens Europeesk Jongereinforum

Namme fan de bank	ING bank Marnix Business Branch
Adres fan de bank	1, rue du Trône 1000 BRUSSEL It Belzelân
SWIFT- of BIC-koade	BBRUBEBB
Rekkennûmer	375-1009152-43
IBAN	BE66 3751 0091 5243

Rekkengegegevens yntsjinner

Namme fan de te fakturearjende entiteit	Gemeente Ljouwert
Offisjeel adres	Oldehoofsterkerkhof 2, 8900 JA Ljouwert
Registraasjenûmer	
BTW-nûmer (as fan tapassing)	
Jo referinsje (as fan tapassing)	NL22ZZZ500426880000
Kontaktpersoan	

Yntsjinningsformulier foar de earste faze fan European Youth Capital (EYC) 2028

A. Yntsjinner

Gemeente	Gemeente Ljouwert
Regio	Fryslân
Lidsteat	
Totale befolking	130.011 (1/1/2025)
Befolking jonger as 35 jier	57.170 (1/1/2025)
Thússide EYC	https://www.lwdforeyc.nl

B. Wetlike fertsjintwurdiger fan de gemeente

Efternamme	Van Haersma Buma			
Foarnamme	Sybrand			
Funksje	Boargemaster fan Ljouwert			
Adres	Oldehoofsterkerkhof 2	8900 JA	Ljouwert	Fryslân
Tillefoan	+31582338888			
E-post	secretariaat.burgemeester@leeuwarden.nl			
	Gemeentlike servicekoördinator			
Efternamme	Metselaar			
Foarnamme	Karen			
Funksje	Projektlider			
Adres	Oldehoofsterkerkhof 2	8900 JA	Ljouwert	Fryslân
Tillefoan				
E-post				
Thússide fan de stêd	https://www.leeuwarden.nl/			

C. Stypjende jongereinorganisaasje(s)

Namme fan de organisaasje	Tienskip			
Adres fan de organisaasje	Snekertrekweg 1	8912 AA	Ljouwert	Fryslân
Tillefoan	+3158 230 0669			
E-post	info@tienskip.nl			
Thússide	https://www.tienskip.nl			
	Kontaktpersoan			
Efternamme				
Foarnamme				
Funksje	Inisjatyfnimmer			
Adres	Snekertrekweg 1	8912 AA	Ljouwert	Fryslân
Tillefoan				
E-post				

Ik hoopje dat LEYC2028



in thús wêze sil

feilich wêze sil

in foarbyld wêze sil om nei te folgjen

de nije generaasje ynspirearje sil

jong wêze sil

in plak fan feroaring wêze sil

in plak fan dielen en akseptaasje wêze sil.

- *Federica (ynternasjonale studinte yn Ljouwert en ien fan de auteurs fan kandidaatstelling 1)*

4. Gastfrijens

Ljouwert, woartele yn fearkrêft en eigensinnigens, stiet iepen foar nije ferbinings. Us stêd is ûntstien út it gearfoegjen fan terpen troch ús foarâlden, en yn dyselde geast is ús gastfrijens sa foarmjûn dat wy as European Youth Capital fan 2028 brûge slaan wolle tusken minsken, plakken en opfettings. Ljouwert is in gastfrije en tagonklike stêd, dêr't in soad wearde jûn wurdt oan ynklúzje, gastfrijens en it wolwêzen fan syn ynwenners en besikers. Inisjativen lykas de 'Iepen Húske'-kampanje, dêr't hoarekaûndernimmers harren húske kosteleas yn iepenstelle foar it publyk, wjerspegelje de iepen, sosjale sfear fan de stêd. It lit ek de ynset sjen foar tagonklikens yn it deistich libben. Dy sfear makket fan Ljouwert in noflik plak om te besykjen.

Berikberens fan de stêd en akkommodaasje

Ljouwert is mei ferskate ferfiersmiddels út hiel Europa wei maklik berikber. De stêd leit op mar twa oeren reizgjen mei de trein fan Schiphol, it op trije nei grutste fleanfjild fan Europa, dat streekrjochte flechten oanbiedt nei 171 Europeeske bestimmings. Tichter by Ljouwert, op likernôch 52 kilometer ôfstân, leit it fleanfjild Groningen Eelde. Fan dêrút is de stêd mei trein of bus berikber. De trein is ien fan de meast effisjinte wizen om Ljouwert te berikken. Trochinoar kostet in inkele reis nei Ljouwert maksimaal € 35,00 twadde klasse en der binne ferskate koartings beskikber, lykas groepstariven en daltidtariven. Foar wa't mei de auto reizget, is Ljouwert oer de autodiken te berikken: **A31**, **A32** en **N31** en der binne carpoolmooglikheden foar ynternasjonale besikers. De stêd is ek tige fytsfreonlik, en beskikt oer in wiidweidich netwurk fan spesjale fytspaden en kosteleaze fytsestallings op meardere lokaasjes.

Ljouwert biedt in ferskaat oan hotels foar ferskate foarkarren en budzjetten, mei mear as 1000 beskikbere bêden. De keamerprizen lizze tusken de € 57 oant € 179 de nacht. Dy prizen wurde foar it grutste part bepaald troch de foarsjennings en de lokaasje. In protte hotels beskikke oer rolstoeltagonklike keamers, liften en baaikamers foar gasten mei in mobiliteitsbeheining.

Ferfier binnen de stêd

Ljouwert biedt duorsume en praktyske ferfiersmooglikheden, lykas bus, taksy, (hier)boat, dielde skûter en (hier)fyts. De stêd is tige kompakt en goed te berinnen; de measte bestimmings binne rinnend binnen 30 minuten of fytsend binnen 10 minuten te berikken. Dat wy ús rjochtsje op rinnen en fytsen stipet ek ynklusive mobiliteit, mei goed ûnderhâlden trottoirs dy't tagonklik binne foar minsken dy't gebrûk meitsje fan in rolstoel, rollator, skûtmobyl of in oar helpmiddel en taktile bestrjitting foar minsken mei in fisuele beheining. Rinnen en fytsen binne ek de meast betelbere wizen om jin te ferpleatsen. Dat is in wichtich punt, omdat it iepenbier ferfier yn Nederlân foar ynternasjonale jonge besikers djoer wêze kin. As ûnderdiel fan ús EYC-ambysjes hifkje we mooglikheden om lokale bussen goedkeaper te krijen en carpoolinisjativen te stypjen, sadat mobiliteit duorsum en tagonklik is.

Wurkfasiliteiten

Ljouwert beskikt oer in breed skala goed fasilitearre lokaasjes en sportfasiliteiten (ek tagonklik foar minsken mei in hendikep), dat makket dat it in ideële lokaasje is foar in ferskaat oan aktiviteiten.

- Kulturele lokaasjes, lykas teäters en bioskopen
- Sportfasiliteiten: stadion, iisbanen en skateparken. It grutste is it 'Kooi-stadion', it nije fuotbalstadion.
- Parken en rekreaasjeromten, lykas 'de Prinsetún', in prachtich park yn it stedssintrum.
- Moetingsromten foar de jongerein, dêr't de jongerein foar in part ferantwurdlik is foar it behear en de organisaasje fan aktiviteiten. In foarbyld dêrfan is 'Moody's', dat rund wurdt troch jongereinwurkers fan Amaryllis, de maatskiplike stipe-organisaasje fan de stêd.
- Bûtendoarlokaasjes foar eveneminten, bygelyks festivals lykas 'de Griene Stjer', in grut grien rekreaasjegebiet oan de eastkant fan Ljouwert mei marren, strannen, bosken en kuierpaden.

De sportfasiliteiten biede oant wol 30.000 sitplakken. Kulturele lokaasjes biede mear as 4.725 sitplakken en bûtendoarlokaasjes foar eveneminten biede plak oan nochris 30.000 minsken. Dat komt boppe-op lytsere moetingsromten foar de jongerein fan 10 oant 250 persoanen.

Duorsumens yn akkommodaasje en ferfier

Ljouwert wurket aktyf oan duorsumens yn syn akkommodaasje- en ferriersfasiliteiten. De stêd strjibbet dernei om yn 2050 klimaatneutraal te wêzen en in folslein sirkulêre ekonomy te realisearjen. De ynspannings omfetsje it safolle mooglik beheinen fan ôffal, subsydzjes foar enerzjysunige apparaten en fergriening fan ús binnenstêd. Dy aksjes dogge al fertuten: de provinsje Fryslân, dêr't Ljouwert de haadstêd fan is, waard okkerdeis yn it Circularity Gap Report ([PDF CGR Friesland - content](#), 2025) erkend as ien fan de foaroprinnende regio's wrâldomfetsjend as it giet om in sirkulêre ekonomy.

Dy ambysjes komme ta utering yn ús akkommodaasje- en ferriersfoarsjennings. Sa biedt it Notiz Hotel, dat troch studinten Hospitality fan de NHL Stenden Hegeskoalle rund wurdt, yn syn restaurant lokaal produsearre, biologysk iten. Dêrnjonken is Ljouwert dwaande om de romte foar kuierjen en fytsen yn 'e hiele stêd út te wreadzjen en biedt it tal fan duorsume ferriersmooglikheden, lykas elektryske bussen, taksys, dield skûters en fytsen. Dat alles draacht by oan in skjinne en sûne stêdlike omjouwing.

Fersterking fan de hjoeddeiske kapasiteit fan de stêd

Mear as tûzen organisaasjes, gemeenten, skoallen, ngo's, festivals, kulturele ynstellingen en noch folle mear sloegen yn 2018 de hannen derfoar gear om mei-inoar in European Capital of Culture del te setten ûnder de namme Leeuwarden-Fryslân 2018 (LF2018). In bewiis fan de effektive oanpak fan Ljouwert wie de besite fan de Giants fan Royal De Luxe, dy't yn trije dagen goed 450.000 besikers nei de stêd loek. Grutskalige ynternasjonale konferinsjes, lykas dy fan de International Society for Performing Arts, fûnen der ek plak. Nei 2018 beskikte de stêd oer in folwoeksen ynfrastuktuer dy't foldocht oan de easken fan in European Youth Capital.

5. Ynformaasje oer de kandidaat-stêd

Ljouwert is in lytse stêd (in lyts bytsje mear as 130.000 ynwenners) yn it noarden fan Nederlân, te finen yn 'e lanlike provinsje Fryslân (Friesland). De stêd leit likernôch 140 kilometer noardlik fan Amsterdam en op mar 30 kilometer fan de Waadsee, dy't ferbûn is mei de Noardsee. Wetter is al in lang skoft in wichtich ûnderdiel fan ús identiteit. Eartiids grinzge Ljouwert streekrocht oan de 'Middelsee', dy't yntusken tichtslibbe is. Om harren foar it tij fan de see te beskermjen, wennen de ynwenners fan de regio op keunstmjittige hichten, dy't yn ús Fryske memmetaal "terpen" neamd wurde. It erfskip fan dy 'terpekultuer' is djip ferankere yn ús lânskip en yn ús libbenswize. In protte doarpen tankje harren lizzing oan de oanwêzigens fan in terp. De stêd Ljouwert is ûntstien troch gearfoeging fan trije fan sokke terpdoarpen. Ljouwert is mear as allinnich mar in stêd; it is ferbûn mei 35 doarpen dy't diel útmeitsje fan de gemeente. Ien fan de meast yndrukwekkende nijsgjirrichheden fan Ljouwert is de Aldehou, in skeve toer dy't tinken docht oan syn Italjaanske tsjinhinger, de ferneamde toer fan Pisa. De namme fan de toer is ôfkomstich fan ien fan de trije oarspronklike terpen dêr't Ljouwert út is ûntstien. Wichtich is ek dat de namme Ljouwert sels ús erfgoed wjerspegelet. It is nammentlik gearstald út de twa âlde, Germaanske wurden 'Lee' en 'Warde', dy't 'smoute terp' betsjutte.

De terpen binne net allinnich sichtber yn ús lânskip, mar fertelle ek wat oer ús kultuer. In wichtich ûnderdiel fan de identiteit fan Ljouwert is ús eigensinnigens - of koppigens. Wy binne grutsk op ús kultuer, talen en tradysjes, foarme troch ieuwen fan fearkrêft en selsredsumens. Yn Ljouwert dogge we dingen graach krekt in lyts bytsje oars. Dat hat ús holpen om it unike fan ús stêd te bewarjen, mar makke it foar de jongerein somtiden lestiger om yn wissens it Europeeske poadium op te stappen. Mei ús EYC-aventoer wolle we ús krekt wat mear iepenstelle; de jongerein oanmoedigje om harren 'terp' te ferlitten, nije perspektiven te ûntdekken en ferbining te sykjen mei oaren yn 'e stêd, de regio en Europa.



De stap nei Europeeske ferbining fereasket likegoed ambysje as de kreative middels en in soad jonge minsken yn Ljouwert hawwe al in krêftige basis. Ingelsk wurdt ûnder de jongerein folop sprutsen, wêrtroch't de drompel

foar ynternasjonale kontakten en gearwurking in stik leger leit. Ljouwert is in meartalige stêd, dêr't Nederlânsk, Frysk en it lokale "Liwswadders" lykop geane mei talen lykas Papiamintsk, Arabysk, Turksk en Oekraynsk. Dy taalkundige rykdom wjerspegelet it ferskaat fan ús ynwenners - fan ynternasjonale studinten oant en mei jongerein mei in migraasje-eftergrûn. It soarget foar in fruchtbere boaiem foar ynterkulturele petearen en in fanselsprekkende iepenens rjochting Europa. It taalkundige ferskaat is in kearnreden wêrom't Ljouwert in UNESCO City of Literature is. No is it ús taak om dy eigenskip oer te setten nei mear én djippere ferbinings, likegoed yn ús eigen mienskip as yn hiel Europa.

Jongerein yn Ljouwert

Ljouwert telt likernôch 30.000 minsken oan lokale jongerein fan tusken de 12 en 27 jier (24% fan de befolking fan de stêd) en fungearret ek as regionaal sintrum foar studinten, skoalbern, wurkjende jongerein en harren frijetidsaktiviteiten. Konkreet studearje der mear as 31.000 jonge minsken yn 'e stêd. Dy groep omfiemet sa likernôch 2.500 ynternasjonale studinten, stipe troch de International Student Association (ISA). Mei-inoar binne mear as 50.000 jonge minsken ferbûn mei Ljouwert, om't se der wenje, wurkje, studearje of rekreëarje. Likernôch 50 basisskoallen foarsjogge de ynwenners fan ûnderwiis (yn jannewaris 2026 komt dêr in ynternasjonale basisskoalle by) en der binne 19 middelbere skoallen dy't ynwenners foarsjogge fan spesjaal ûnderwiis, tmbû, hafû en twû. Dêrnjonken binne der yn Ljouwert 8 ynstellingen foar heger ûnderwiis dy't alle haadtrajekten yn it ûnderwiis oanbiede.

Us takomst, ús belied

Ljouwert hat romme ûnderfining mei it meitsjen en útfieren fan jongereinbelied. De paadwizer dêrby is de Jeugd Agenda 2024-2028, dy't basearre is op it Ferdrach oangeande de rjochten fan it bern fan de Feriene Naasjes (UNCRC). De ambysje fan de Jeugd Agenda is dúdlik: alle jongerein - fan -9 moannen oant 27 jier - moatte opwaakse yn in feilige omjouwing, frij fan earmoed, dêr't se harren yn ûntwikkelje kinne, harsels wêze meie en dêr't harren talinten en potinsjeel echt sjoen wurde.

De Jeugd Agenda rjochtet him dêrom op it ferbetterjen fan it deistich libben fan de jongerein: troch te bouwen oan in stabyl sosjaal fûnemint, troch ûnderwiis ynklusiver te meitsjen en troch te soargjen foar tagonklike jongereinsoarch. Dat stevige fûnemint fereasket guon basisbetingsten, bygelyks it yn kaart bringen fan it sosjale ferlet fan alle buerten en alle doarpen, it oan de jongerein mear ynfloed jaan op it belied, en it stimulearjen fan demokratysk boargerskip - yn oerienstimming mei de Jeugd Agenda.

De Jeugd Agenda sketst net allinnich in brede, langetermynfyzje om it wolwêzen fan de jongerein te ferbetterjen, mar set ek konkrete stappen rjochting werklike jongereinpartisipaasje yn belied en útfiering. De jongerein wie streekrjocht belutsen by it opstellen fan de Jeugd Agenda 2024-2028, en wurke gear mei in strategysk netwurk fan ûnderwiis- en wolwêzenspartners (LEJA). Der kamen ek nije kânsen foar jong liederskip, lykas de rol fan Berneboargemaster, sadat de jongerein net allinnich heard wurdt, mar ek werklik ynfloed kriget.

Om de Jeugd Agenda tagonklik te meitsjen, is der dêrnjonken in koartere 'jongereinferzje' ûntwikkele, mei in helder oersjoch fan wat de stêd foar de jongerein docht en hoe't we de hjoeddeiske swierrichheden oanpakke. Dochs bliuwt jongereinpartisipaasje in útdaging. Dêrom is in strukturele oanpak fan fitaal belang om jongereinpartisipaasje duorsum te organisearjen. De Jeugd Agenda neamt dêrby twa wichtige aksjes: ús kandidatuer foar European Youth Capital, en it duorsum belûken fan de jongerein by it útfieren fan de agenda. Troch gearwurking mei lokale organisaasjes wolle we in útienrinnende groep jongerein aktyf belûke - en ús EYC-kandidatuer brûke as katalysator om jongereinpartisipaasje fierder te fersterkjen.

Njonken jongereinpartisipaasje ynvestearret de gemeente ek yn previnsje. Der wurdt op 'e tiid stipe bean om takomstige swierrichheden lykas te betiid skoalferlitten, sosjale útsluting of psychyske klachten foar te kommen. Jongereinwurkers belûke de jongerein op plakken dêr't se gearkomme - op skoalle, yn 'e buurt, online of gewoan bûtendoar.

In goed foarbyld dêrfan is de erkende metoade "Skoalle as Fynplak". Yn stee te wachtsjen oant der wat ferkeard giet, wurdt de skoalle yn dy methodology sjoen as it plak dêr't sinjalen betiid oppikt wurde kinne en jongerein rap stipe krije kin. Dêrnjonken is der OKO - Opwaakse yn in Kânsrike Omjouwing. Dat is in op gegevens basearre, op de mienskip rjochte previntive oanpak, rjochte op it fersterkjen fan beskermjende

faktoaren yn it libben fan de jongerein: thús, op skoalle, by leeftydsgenoaten en yn de frije tiid. Tegearre mei lokale partners sjocht Ljouwert nei it wolwêzen fan de jongerein, wurde ynsichten besprutsen en wurdt der belied makke, en wurde der tegearre mei de jongerein duorsume previntive inisjativen ûntwikkele en útfierd.

Europeeske ôfstimming

De doelstellings dy't beskreaun wurde yn de Jeugd Agenda 2024-2028 fan Ljouwert slute ing oan by de EU Youth Strategy 2019-2027, benammen op gebieten lykas ynklusiviteit (Youth Goal #2 en #3), geastlik wolwêzen (Youth Goal #5), jongereinpartisipaasje (Youth Goal #9), de sektor te bûten geande gearwurking (Youth Goal #11) en it opstellen fan in jongereinfreonlike ferzje fan it beliedsdokumint (Youth Goal #4). Hoewol't we grutsk binne op de foarútgong dy't der boekt is, erkenne we ek dat der ferlet is fan ferbettering. Fia it European Youth Capital-proses wolle we op dy basis fuortbouwe troch bygelyks de bannen mei Europeeske jongereinorganisaasjes te fersterkjen lykas dat beskreaun stiet yn Youth Goal #11, en troch mear klam te lizzen op it stypjen fan it potinsjeel fan de jongerein yn ús plattelânsgregio, yn oerienstimming mei Youth Goal #6.

Mear krekt betsjut soks dat we der yn oerienstimming mei Youth Goal #3 fan de EU Youth Strategy 2019-2027 foar soargje wolle dat alle jongerein yn 'e Ljouwerter mienskip meidocht en meitelt. Langetermyninisjativen lykas LWD Oost pakke de yntergenerationele earmoed oan troch de foarútsichten yn efterstânsweeken te ferbetterjen (benammen foar bern en jongerein), stipe troch programs lykas de 'Rijke Schooldag', dy't de kânsen op it mêd fan sport, kultuer en ûnderwiis fergrutsje. Tagelyk is ynklusiviteit ferankere yn it gemeentlike belied: de Ynklúzje-aginda (2024-2026) en it Reinbôgeprogram (2024-2027) foar LHBTIQA+-rjochten fersterkje antydiskriminaasjekampanjes en ynklusive praktiken op skoalle en op it wurk. Wy folgje ek de prinsipes fan it FN-Ferdrach oangeande de rjochten fan persoanen mei in hendikep en it Nederlânske NOOZO (Niets Over Ons, Zonder Ons). Op dy wize binne tagonklikens foar en partisipaasje fan jongerein mei in hendikep ferankere yn it ûntwerp, it útfieren en de evaluaasje fan LEYC 2028. Dy ramten soargje derfoar dat LEYC 2028 net allinnich in feestlik jier wurdt, mar dat der ek in stap foarút setten wurdt om fan Ljouwert in stêd te meitsjen dêr't de folsleine jongerein de kâns kriget om te florearjen.

Partners

Foar bliuwende ympekt fertrouwe we op strategyske gearwurkingsferbannen op regionaal, nasjonaal en Europeesk nivo.

Op regionaal nivo wurdt in essinsjele rol spile troch mear as 90 organisaasjes dy't mei de jongerein wurkje, lykas Amaryllis, LAB058, Moody's, @ease en MDT Friesland. Dy wurde beselskippe troch in breder regionaal en nasjonaal netwurk fan op de jongerein rjochte partners, lykas Arcadia, Keunstwurk, Friesland Pop, Sport Fryslân en de Nederlandse Jeugdraad. In opfallend troch de jongerein oanstjoerd foarbyld is Tienskip, in lokale jongereinorganisaasje dy't Europeeske wearden ta libben bringt troch de jongerein by demokratyske prosessen te belûken. De organisaasje berikt jongerein mei ferskate eftergrûnen mei help fan ynteraktive skoaleveneminten dêr't se driuwende maatskiplike kwestjes beprate, mei-inoar oan oplossings wurkje en leare hoe't se werklik ynfloed útoefenje kinne binnen demokratyske systemen. Tienskip is okkerdeis bekroand mei de nasjonale priis 'Gemeentedelers', in erkenning fan harren oanpak as nasjonaal model foar jongereinpartisipaasje yn de demokrasy. De organisaasje berikt likernôch 2.000 jonge minsken yn Ljouwert, 5.000 yn de provinsje Fryslân en 10.000 yn folslein Nederlân (plus 250 jonge frijwilligers).

De stêd ûnderhâldt ek sterke nasjonale bannen troch aktive belutsenens by netwurken lykas de G40 (de 40 grutste gemeenten fan Nederlân) en de VNG (Feriening fan Nederlânske Gemeenten). As lid fan it bestjoer fan de VNG en foarsitter fan de VNG-kommisje 'soarch, jongerein en ûnderwiis' spilet ús wethâlder foar Jongerein en Underwiis in wichtige rol op nasjonaal nivo. Dêrnjonken hat Ljouwert in wiidweidich Europeesk netwurk troch ús dielnimming oan netwurken en finansieringsprograms. As ûnderdiel fan it LEYC-proses is Ljouwert begûn mei it oangean fan strategyske gearwurkingsferbannen mei eardere European Youth Capitals lykas Gent (It Belzelân) en Cluj-Napoca (Roemeenje) fia inisjativen lykas CERV Child en URBACT. Us hegeskoalle, NHL Stenden, fersterket dy bannen ek as lid fan it RUN-EU-netwurk (Regional University Network, European University). Troch dy gearwurking leare we fan inoar en wurkje we gear oan fernijing. Dêrnjonken wurkje we gear mei ûnder oaren de organisaasje foar bernerrjochten UNICEF Nederland oan

harren Child Friendly Cities Initiative (CFCI). Yn dat ramt organisearje we in grutte gearkomste oer jongereinpartisipaasje.

Fan swierrichheden nei partisipaasje


Hoewol't we hurd wurkje oan it ferbetterjen fan it wolwêzen fan de jongerein yn ús gemeente, hat de jongerein noch hieltyd te krijen mei grutte útdagings. In protte jonge minsken tinke noch hieltyd dat se Ljouwert ferlitte moatte om kânsen te pakken yn gruttere stêden yn it Westen. Wy wolle dy persepsje feroarje troch te bewizen dat Ljouwert in stêd fol kânsen is dêr't de jongerein werklik florearje kin.

As ûnderdiel fan ús EYC-kandidatuer hawwe we in breed konsultaasje- en partisipaasjeproses útfierd om de hjoeddeiske werklikheid foar de jongerein yn kaart te bringen. Dat omfette deskresearch, omfragen, gearkomsten, besiten oan skoallen en djipgeande petearen mei de jongerein yn 'e hiele gemeente, mei goed 1600 jonge minsken dy't streekkrjocht bydroegen hawwe. De wichtichste útdagings dy't identifisearre waarden, wiene:

- **Tanimmende psychyske swierrichheden:** 43% fan de jongerein yn Fryslân jout oan dat se harren strest en net fearkrêftich genôch fiele. Benammen ûnder famkes, fan wa't 59% dy útdagings ûnderfynt.
- **Unfoldwaande tagonklike sportfasiliteiten:** 43% fan de jongerein yn Fryslân fynt dat se minder sporte as se wolle soene.
- **Hege earmoedsifers:** yn Ljouwert waakst 4,4% fan de jongerein yn earmoed op, wylst it lanlik gemiddelde 3,6% is.
- **Tekoart oan algemiene jongereinaktiviteiten en -romten:** 58% fan de jongerein yn Fryslân fynt dat der net genôch meetingsplakken foar de jongerein binne.
- **Swierrichheden by it keapjen fan in hûs.**
- **Feiligenskwestjes** (dêrûnder pesten en kriminaliteit).
- **Swierrichheden mei it brûken fan sosjale media,** wêrby't in protte jonge minsken op 'e siik binne nei mear betsjuttingsfolle offline kontakten.

Wy tinke dat it oanpakken fan dy útdagings begjint mei jongereinpartisipaasje. Jongereinpartisipaasje yn 'e beliedsfoarming hat altiten al wichtich west foar ús stêd, en is de ôfrûne jierren noch wichtiger wurden. De kommende jierren sil de demografyske druk op de jongerein tanimme. Troch de fergrizing sil de jongerein in noch lytsere minderheid yn ús stêd foarmje. Dat makket it namste wichtiger om derfoar te soargjen dat stim fan de jongerein heard wurdt. Tagelyk sjogge we dat it fertrouwen yn ynstellingen en demokrasy yn hiel Europa ôfnimt, in trend dy't ek yn Ljouwert sichtber is.

Dy trends ûnderstreekje nochris wêrom't jongereinpartisipaasje essinsjeel foar Ljouwert is. Dy urginsje wurdt ek ûnderkend troch ús stedsbestjoer, dat in moasje oer duorsume jongereinpartisipaasje oannommen hat en in demokratysk fernijingsprogram lansearre hat. Jongereinpartisipaasje is dan ek in pyllder fan ús Jeugd Agenda. It foarmet de basis fan dizze kandidatuer en ús EYC-jier. Wy stribje dernei om in breed skala oan jongerein te belûken troch gear te wurkjen mei lokale organisaasjes, skoallen, jongereininitiativen en ynformele netwurken. Hoewol't ús gemeente noch gjin folslein yntegrearre partisipaasjestrutuer hat, sjogge we ús EYC-yntsjinning as katalysator foar it testen en ferankerjen fan duorsume partisipaasjestrutueren. Dêrmei drage we by oan de ûntwikkeling fan Ljouwert en Europa nei in mear ynklusive en troch de jongerein dreaune mienskip.



Noat fan de redakteur fan kandidaatstelling 2: "Ljouwert fielt as in hiel grut doarp, dêr't eltsenien inoaren. Alle dagen wannear't ik troch de stêd rin of fyts, kom ik op syn minst fiif kollega's of freonen tsjin en reitsje ik mei harren oan de praat. Dochs wie ik as teener tige skruten. Hjoed-de-dei bin ik sa ekstravert as it mar kin, en dat ha ik allegearre oan Ljouwert te tankjen." - Mihai Cășălean, 20 jier

6. Motivaasje

Yn Ljouwert binne 'terpen' mear as allinnich mar ophege ierde, dy't de Friezen yn it tiidrek fan foar de seediken beskermen foar de wylde see. Se meitsje diel út fan ús kultuer. De terpen binne feilige plakken, mar se hâlde ús ek fan inoar skieden. Wy fine dat de jongerein de kâns krije moat om fan dy "terp" ôf te stappen en dat jonge minsken inoar op gelyk nivo moetsje kinne moatte. Dy feroaring begjint hjir. It betsjut dat der in gelyk spylfjild wêze moat tusken de jongerein en beslútfoarmers, tusken buerten, generaasjes en mienskippen dy't yn omfang ferskille kinne, sichtberens of eftergrûn. Wy wolle ek de bannen tusken de gemeente Ljouwert en ús jongereinorganisaasjes fersterkje, en ek dy tusken de jongerein yn Ljouwert en Europa. Us werklike krêft sit yn gearwurkjen, binnen de folsleine regio en om dat proses oer de grinzen hinne te lûken. Wy wolle graach diele wat we leare, en ús ynspirearje litte troch oare Europeeske stêden dy't foar ferlykbere útdagings steane foar wat de jongerein oanbelanget. Sokke weardefolle útwikselingen liede ta bliuwende gearwurking en waaksdom fan wjerskanten.

Wy sjogge ús EYC-kandidatuer net allinnich as in katalysator, mar ek as in proeftún. It is in wize om it goede wurk dat al geande is flugger gean te litten en fierder te bouwen op wat der al is. Tagelyk is it ek in plak dêr't we nije oanpakken útprobearje kinne dêr't it fersterkjen fan de posysje en partisipaasje fan de jongerein sintraal yn stiet. Us kandidatuer foar European Youth Capital 2028 bout fierder op dy fyzje en helpt ek om it wier te meitsjen: troch de jongerein in sterkere stim te jaan yn belied, gearwurking te fergrutsjen en strukturele feroarings yn gong te setten. Oft it no giet om in jongereinplatoarm of om petearsessys, wy litte de rjochting fan dat trajekt bepale troch harren ideeën, stim en liiderskip. Wy wolle jonge minsken de frijheid en de middels jaan om de takomst fan harren stêd én harren plak yn Europa foarm te jaan. Sadat se ienfâldichwei:

Just.Be.Young, oftewol gewoan jong wêze kinne.

 **Noat fan de redakteur fan kandidaatstelling 3:** "Ik ha sjoen dat dy moaie wurden begjinnend by it alderearste begjin fan it LEYC-proses werklik de kearn west hawwe. Wylst ik dit skriuw by de lêste redaksje fan dizze yntsjinning, doch ik dat as 24-jierrich projektlied en redakteur foar LEYC. By myn staaasje by de gemeente joech ik oan niget te hawwen oan it projekt, en dat hat derta laat dat ik hjir no bin. De jongerein hat in soad mear te bieden as âldere generaasjes beseffe, en LEYC jout ús de kâns om dat sjen te litten. Fan my no, oan hooplik de folsleine jongerein fan Ljouwert". - Else Hofstra, 24 jier.

"No binne wy oan bar"

It earste fonkje fan de ambysje fan Ljouwert om European Youth Capital (LEYC) te wurden, ûntstiek yn 'e rin fan de European Capital of Culture (ECoC) legacy meeting yn 2018, doe't jonge dielnimmers seine: "No binne wy oan bar om lieding te jaan". Ynspirearre troch it momentum fan it ECoC-jier fan Ljouwert en stipe troch ûnderskate jongereinorganisaasjes, skoallen en opliedings, begûn de jongerein him te mobilisearjen. Yn 2023 pakte de gemeente it idee fan de jongerein op; der waard in projektlieder oansteld en der waard tasein dat de fragelist en de kandidatuer tegearre mei de jongerein opsteld wurde soe.

Doelgroep

Yn 'e kandidaatstelling prate we geregeld oer *empowerment* (it fersterkjen fan de posysje) fan de jongerein yn Ljouwert, mar wa bedoele we dêr eins krekt mei? De doelgroep fan ús LEYC-program bestiet út de folsleine jongerein fan 12 oant 27 jier dy't in bân hat mei Ljouwert, of dat no is om't dy jongerein der wennet, studearret, wurket of syn frije tiid trochbringt. Dy leeftydsgroep komt oerien mei dy fan ús Jeugd Agenda en lokale inisjativen lykas *LWD Oost*. It lit sjen dat we stribje nei oanhâldende stipe, fan middelbere skoalle oan in duorsum tsjinstferbân ta. Dochs is dy leeftydsgroep gjin hurde skiedsline. Sa binne parten fan ús program ek rjochte op jonge saakkundigen oant 35 jier. Dy kinne meidwaan fia wurk, frijwilligersaktiviteiten of yn *peer-to-peer* rollen (dêr't jongerein fan en mei-inoar leart). Ferskate 10-jierrigen hawwe ek al ynpût levere foar it program, wittend dat se yn 2028 ta de doelgroep hearre sille. Binnen dat brede ramt besteegje we bysûnder omtinken oan spesifike doelgroepen dy't miskien wat ekstra help nedich hawwe om fan harren "terp" ôf te stappen en ferbining te meitsjen mei oare jongerein en LEYC.

- **Jongerein yn 'e stêd en op it plattelân**

Hoewol't de stêd in wichtich knooppunt is, omfiemet Ljouwert ek 35 omlizzende doarpen. Wy stribje dernei om derfoar te soargjen dat it LEYC-program sawol de jongerein yn 'e stêd as ek dy yn lânlike gebieten berikt en der wjerklank by fynt.

- **Nijkommers**

Oft it no giet om flechtlingen, ynternasjonale studinten of arbeidsmigranten, nijkommers binne in essinsjeel ûnderdiel fan ús mienskip. Wy stribje dernei om plakken te kreëarjen dêr't de folsleine jongerein in bydrage yn leverje kin, kontakten lizze kin en in takomst opbouwe kin yn Ljouwert.

- **Jongerein dy't yn earmoed libbet**

Wy hawwe bysûnder omtinken foar it ferlet fan de jongerein dy't opwaakst yn finansjeel drege omstannichheden. Harren stim, kânsen en tagong ta it program binne foar de gemeente en syn partners in prioriteit.

- **De 'ûnsichtbere' jongerein**

Guon jonge minsken bliuwe ûnsichtber yn it iepenbiere libben, lykas jonges dy't in protte tiid isolearre thús trochbringe, famkes en jonge froulju dy't harren net feilich of wolkom fiele yn 'e iepenbiere romte, of jongerein dy't heart ta de LGBTIQ+-mienskip, in ekstra kwetsbere groep. Wy wolle dy jongerein berikke, nei harren harkje en harren stykje.

- **Jongerein yn kwetsbere situaasjes**

Dêrûnder falt de jongerein dy't te betiid fan skoalle giet, jongerein mei in hendikep en jongerein yn 'e jongereinsoarch. Dy groepen wurde geregeld konfrontearre mei strukturele behinderings en fertsjinje spesjaal omtinken om derfoar te soargjen dat se meitelle en meidogge.

Troch ús op dy groepen te rjochtsjen, wolle we fan LEYC2028 in jier meitsje dêr't de folsleine jongerein yn sichtber wurdt, en kânsen en in sterkere posysje kriget.

In troch jongerein dreaune kandidaatstelling

Dy kandidaatstelling is it resultaat fan yntinsive gearwurking tusken jongerein, de gemeente en de wichtichste gearwurkjende partners fan dit projekt. Mear as 1600 jonge minsken hawwe al streekrjocht bydroegen fia ûndersyk, workshops, kreätive sessys en omfragen, foar in part op grûnslach fan earder ûndersyk en foar in part spesifyk foar it LEYC-proses. Foar de earste yntsjinningsomgong hat in groep fan tsien jonge minsken fia in yntinsive, "pressure cooker"-sessy fan twa dagen de basis fan de kandidaatstelling opsteld. By dy sessy hawwe se de resultaten fan omfragen, deskresearch en gearkomsten útwurke as grûnslach foar kandidaatstelling 1, stipe troch in fasilitator fan ús partner Keunstwurk en stipe troch de gemeente.



Dêrnei waard de yntsjinning foar de twadde omgong opsteld troch Mihai Cășălean, in 20-jierrige haadredakteur dy't selektarre waard fia in iepen sollicitaasje-proseduere, ynklusyf in sollicitaasjebrief en cv. Hy wurke ing gear mei de gemeente en partnerorganisaasjes om in yntsjinning op te stellen dy't de hjoeddeiske werklikheid en ambysjes fan Ljouwert akkuraat werjoech. It wie in betelle funksje en de skriuwer tekene in formeel kontrakt om de ferantwurdling en kwaliteit te garandearjen en ek om sa it prinsipe fan ferstannige, profesjonele jongereinpartisipaasje te fersterkjen.

Dy definitive kandidaatstelling waard redigearre troch Else Hofstra, 24 jier, en sûnt july 2025 fulltime meiwurkster fan it European Youth Capital-projekt. Foar de doer fan it folsleine proses waard de kandidaatstelling ferfine oan de hân fan feedback fan jongereingroepen, gemeentlike ôfdielings en partners, mar altiten mei de jonge haadredakteur as middelpunt.





En net te ferjitten: alle visuals yn dizze kandidaatstelling binne makke troch Fenne, in talintearre 19-jierrige studinte Mediafoarmjouwing dy't spesjaal dêrfoar ynhierd is. Dy oanpak is in foarbyld fan it etos dêr't Ljouwert foar stiet: troch de jongerein late prosessen dy't soargje foar demokratyske fernijing en de jongerein yn posysjes te setten dêr't dy feroarings yn teweech bringe kin.

De trije kearntema's

It liedende útgongspunt fan LEYC, formulearre troch in jonge dielnimmer by ien fan ús sessys, is ferrifeljend ienfâldich: **Just. Be. Young**. Dat etos is sawol in útnûging oan de jongerein om syn stim jilde te litten, as ek in dúdlike boadskip dat it foldwaande is om jinsels te wêzen. De jongerein moat himsels frij fiele kinne fan druk, syn potinsjeel ûntwikkelje kinne en de romte krije om yn syn eigen tempo diel te nimmen. Just. Be. Young. is dêrmei mear as in slogan: it is de blaudruk foar ús transformaasje. Alle wurden yn dit etos ferwize nei ien fan ús haadtema's. Dy tema's binne net tafallich ta stân kommen, mar binne it resultaat fan in breed proses fan mienskiplike aktiviteiten fan de jongerein, fariëarjend fan de sessys mei mear as 850 learlingen fan ferskate skoallen fia de **Tienskipdagen** oant ôfstimde meet-ups mei studinteferienings, sportklups en kulturele organisaasjes. Se wjerspegelje de ferbining tusken de lokaal sinjalearre útdagings en it bredere ramt fan de EU Youth Goals.



- **Just. → Equity**

Rjochtfeardigens, earlikens en strukturele ynklúzje, troch it fuortnimmen fan barriêres fia gelikense tagong, beliedsoanpassings en gearwurking mei sosjale rjochtfeardichheidsbewegings.



- **Be. → Sense of Belonging**

Identiteit, ferbining en partisipaasje, troch it kreëarjen fan fysike en mentale romten foar dield ûnderfinings, kulturele ekspresje en kollektive kreätiviteit.



- **Young. → Vitality**

Sûnens, fearkrêft en enerzjy, mei omtinken foar mentaal en fysyk wolwêzen yn stimulearjende en duorsume omjouwingen.

Equity (rjochtfeardigens) draait om gelikense kânsen. Wy wolle dat alle jonge minsken de kâns krije om sjoen, heard en wurdearre te wurden. Eltsenien moat syn of har talinten ûntwikkelje kinne en folslein partisipearje kinne, likefolle it plak dêr't hy of sy berne is of wat syn of har eftergrûn is. Dat tema hinget ing gear mei it liedende prinsipe fan *empowerment* fan de EU Youth Strategy. It slút ek ing oan by Youth Goals #2, #3, #6 en #9, dy't allegearre rjochte binne op ynklusiviteit en gelikense rjochten foar alle jonge minsken, likefolle harren slachte of eftergrûn. Troch romten te kreëarjen dêr't alle jonge minsken sjoen, heard en wurdearre wurde, wolle we harren by steat stelle folweardich diel te nimmen oan it foarmjaan fan harren eigen takomst.



Resultaat: de jongerein fielt him respektarre, fertroud en by steat om op in ferstannige wize diel te nimmen oan it bestjoer. Dat betsjut dat de jongerein yn ferliking mei 2023 mear betrouwen hat yn syn takomst: yn it finen fan wurk en in wenning, en yn it opbouwen fan in lokkich libben. De jongerein is net langer taskôger, mar meikreëarder fan in ynklusive en duorsume stêd. Dêrmei profilearret Ljouwert him as in Europeeske foarbyldstêd foar duorsume ûntwikkeling dêr't de jongerein it inisjatyf yn nimt.

Sense of Belonging (gefoel fan ferbûnens mei dyn omjouwing, derby hearre en dy thús fiele) is derop rjochte om derfoar te soargjen dat de jongerein him ûnderdiel fielt fan in grutter gehiel, dat de jongerein derby heart, in plak hat en derta docht. Mei dit tema wolle we romten en netwurken kreëarje dêr't de folsleine jongerein him yn thúsfielt. Net allinnich yn syn eigen buert of yn Ljouwert, mar ek yn Fryslân, yn Nederlân en yn Europa. De jongerein kriget bygelyks de kâns om mei te dwaan oan útwikselingen (Erasmus+), reizgjen (DiscoverEU), ynternasjonale projekten en maatskiplike inisjativen. Dit tema slút oan by it liedende prinsipe *ferbinen* fan de EU Youth Strategy en wjerspegelet Youth Goal #1: *Connecting EU with Youth*.



Resultaat: de jongerein fielt him ferbûn mei-inoar en mei syn mienskip, likegoed yn 'e stêd as yn de doarpen, en is belutsen by it maatskiplik libben op lokaal en Europeesk nivo. Dêrtroch ferwachtsje we in tanimming fan 5% yn it tal jonge minsken dat fan doel is yn harren wyk of doarp wenjen te bliuwen yn ferliking mei 2023. Sa kinne mear jonge minsken harren talinten foar de stêd ynsette. In gefoel fan ferbûnens fersterket likegoed de sosjale as de ekonomyske takomst fan ús regio.

Vitality (fitalens) giet fierder as sûnens allinnich. It betsjut datst de enerzjy, it selsbetrouwen en de stipe hast om te waaksen, by te dragen en datst fielt datst folweardich libbest. Mei dit tema wolle we de betingsten skeppe dêr't de jongerein yn Ljouwert mei florearje kin. In fitale jonge generaasje is in generaasje dy't syn stêd mei foarmjout, soarch draacht foar de libbensomjouwing en feroaring stimulearret. Dêrom ferbynt dit tema sûnens en wolwêzen mei jongereinliederskip, maatskiplike belutsenens en ekologyske aksje. Dit tema slút oan by de liiedende prinsipes *engagement* en *empowerment* fan de EU Youth Strategy. It wjerspegelet Youth Goal #5 (*Mental Health and Wellbeing*) en Youth Goal #10 (*Sustainable Green Europe*). It slút ek oan by de fokus fan de Europeeske Kommisje yn 2023 op op de mienskip rjochte mentale sûnenssoarch en previnsje.



Resultaat: de jongerein beoardielet syn mentale en fysike sûnens better as yn 2023. Dêrtroch is de jongerein sûner, fearkrêftiger en mear belutsen. De jongerein hat tagong ta ynklusive stipesystemen en mooglikheden om him yn te setten foar miljeu- en klimaataksjes.

Langetermyndoelen

Troch te stribjen nei de doelen fan dizze tema's, sil Ljouwert yn 2028 erkend wurde as ien fan de foaroprinnende, op de jongerein rjochte stêden fan Europa. Yn Ljouwert nimt de jongerein ferantwurdling foar syn wolwêzen, foarmet ynklusive mienskippen en kreëarret strukturele feroarings.

Om dat te berikken hat de gemeente:

- De stim fan de jongerein struktureel yn de beslútfoarming ferankere.
- Ynklusive romten ûntwikkele yn stêdlike en lanlike gebieten.
- Kultuerprogramms en yntergenerasjonele dialogen opsetten dy't troch de jongerein laat wurde.
- Jongereinpartisipaasje formalisearre fia Code Young.
- Mear op de jongerein rjochte Europeeske gearwurkingsferbannen opboud, bygelyks fia Erasmus+, CERV Child en URBACT.

Mei ús tema's rjochtsje we ús op it ferbinen fan ús terpekultuer wêr't dat nedich is, sadat alle jonge minsken in gelikense kâns krije om stabyl yn it libben te stean. Wy bouwe oan in takomst dy't tegearre mei en troch de jongerein foarmjûn wurdt - fan de Fryske terp oant it Europeeske poadium - sadat de folsleine jongerein gewoan jong wêze kin, oftewol **Just. Be. Young.**!

7. European Youth Capital-program

No't ús fyzje fêstleit, geane we oer ta aksje. Mei Code Young as ús basis, set ús programútstel ús etos Just. Be. Young. om yn konkrete projekten. Oan de hân fan de tema's *Sense of Belonging*, *Vitality* en *Equity* presintearje we in jierprogram dat draait om meidwaan en it meitsjen fan ferskil. It wichtichste is dat de jongerein dêryn it útgongspunt, de driuwende krêft én it einresultaat foarmet. Sa bringe we it European Youth Capital-jier ta libben yn Ljouwert.



De basis: Code Young

Yn dizze yntsjinning foarmet jongereinpartisipaasje de basis foar alle tema's. De kandidatuer fan Ljouwert foar European Youth Capital 2028 is basearre op it etos Just. Be. Young. Dat is mear as in slogan; it wjerspegelet ús oertsjûging dat de jongerein net allinnich frege wurde moat, mar ek it fertrouwen fertsjinnet om sels lieding te nimmen. Fan it begjin ôf oan is ús kandidaatstelling troch de jongerein sels skreaun, foarmjûn en beoardiele, en it program is oanstjoerd, meiûntwurpen of ûntwikkele op basis fan ynpût, ideeën en streekrjocht advys fan jongerein út de hiele gemeente. Mei-inoar hawwe 3.000 jonge minsken bydroegen oan it LEYC-proses. Wannear'tst sadwaande lêst oer societal hackathons, gamified budzjetworkshops, of in rooftop-festival, dan binne dat gjin útstellen dy't foar de jongerein betocht binne, mar dy't tegearre mei de jongerein ta

stân kommen binne. Jongereinpartisipaasje is gjin tafoeging oan de kandidaatstelling, it foarmet de kearn derfan en Code Young is it middel dêr't we dat mei berikke.

Dat is ek de reden wêrom't we in gearwurking oangongen binne mei Tienskip, in lokale jongereinorganisaasje mei jierrenlange ûnderfining, om de kleau tusken jongerein en demokrasy te oerbrêgjen. Tegearre hawwe we **Code Young** ûntwikkele: in strukturearre ramt en kwaliteitslabel foar heechwaardige jongereinpartisipaasje. Code Young is net allinnich in paadwizer, mar ek in ynstrumint om jongereinpartisipaasje sichtber en transparant te meitsjen. It biedt in helder ramt foar alle organisaasjes of oerheden dy't de jongerein op in rjochtfeardige wize belûke wolle. Wannear't alle fjouwer fazen trochrûn binne, kriget it projekt it Code Young-label, dat de partisipative basis oannimlikens ferlient. Mei Code Young wolle we der eksplisyt foar soargje dat organisaasjes konsekwint wurkje oan de trije heechste nivo's fan de partisipaasjeljedder fan Arnstein, dêr't de jongerein wiere sizzenkip en beslissingsfoech by hat. Dy oanpak slút oan by de fiif pylders fan de EU Youth Test en de kearnprinsipes foar jongereinpartisipaasje dy't ûntwikkele binne troch de Nationale Jeugdraad (NJR). Fia Code Young bringe we dy prinsipes yn 'e praktyk. Wy binne sels ek noch oan it learen en ûntwikkeljen, mar stribje dernei om Code Young yn alle ûnderdielen fan LEYC ta te passen foar 2028.

De fjouwer fazen fan Code Young

Begjinfaze	Bepaal it ramt binnen hokker de jongerein meidwaan kin en bepaal op hokke gebieten dy belutsen wêze sil (en wol). In beslissingsbeam en stypjend materiaal wurde ferliend om dat proses te begelieden.
Outreachfaze	Meitsje in plan om in útienrinnende groep jongerein te benaderjen en syn ynbring te sammeljen. Ynstruminten lykas de Partisipaasjeagenda ¹ wurde brûkt om te soargjen foar in wiidfiemjende plenning en ynklusive outreach (pro-aktive oanpak).
Beslissingsfaze	In wichtich aspekt fan Code Young is it belûken fan jongerein by de werklike beslútfoarming. Om dat te stypjen wurde organisaasjes stimulearre om de sânrinnermetoade ² fan Tienskip te brûken, dêr't partisipative beslútfoarming op in effektive en transparante wize mei strukturearre wurdt.
Fersekeringsfaze	Dizze faze rjochtet him op trasearberens en ferantwurdling, wêrby't de jongerein dúdlik sjen kin hoe't syn ynbring beslissings beynfloede hat en dat syn ideeën útfierd binne.

¹ De Partisipaasjeagenda is in oersjoch fan al dy eveneminten en aktiviteiten yn de gemeente Ljouwert dêr't de jongerein by oanwêzig is. Op dy wize soarget er foar gaadlike partisipaasjemominten.

² De sânrinnermetoade is in partisipative oanpak wêrby't earst ynbring fan in brede en útienrinnende groep jongerein sammele wurdt. Dy ynbring wurdt dêrnei ferfine en brûkt om konkrete ideeën of belied te ûntwikkeljen. By einbeslút wurde de resultaten hifke en ferfine troch op 'e nij werom te gean nei in brede groep jongerein, om der foar te soargjen dat dy oanslút by syn ferlet en perspektiven.

Code Young yn 'e ûntwikkeling fan dizze kandidaatstelling

Fan it begjin ôf oan wiene we derfan oertsjûge dat de jongerein belutsen wurde moast by de foarmjouwing fan in jier dat foar jonge minsken ornearre is. Dêrom hawwe we in ynklusyf proses opsetten, te begjinnen mei in brede outreach fia omfragen, konsultaasjes en fraachpetearen. Dêrnei waard alle ynpût ferwurke troch in lytsere groep jongerein en útwurke yn 'e ferskate ferzjes fan de kandidaatstelling. De konsepten waarden dield foar feedback en by gearkomsten koene ideeën fierder besprutsen wurde - wêrby't de jongerein ek sjen koe hoe't syn ynpût werklik brûkt waard.

Tagelyk foarmet Code Young de paadwizer foar ús program. It Iepen Program is in perfekt foarbyld fan hoe't de jongerein sels de foarm en ynhâld bepaalt, wylst it Partnerprogram organisaasjes útnûget en stipet om by te dragen oan LEYC2028, folslein yn oerienstimming mei de prinsipes fan Code Young. It Kurearre Program, dat oant no ta benammen rjochte is op it sammeljen fan jongereinynpût, sil yn 'e oanrin nei 2028 hieltyd fierder

waakse op de partisipaasjeljedder (sjoch Haadstik 10). Dizze kandidaatstelling, dy't tegearre mei Code Young ûntwikkele is en it proses mei foarmjout, is in libjend foarbyld fan wat Code Young yn 'e praktyk betsjut. Wy geane troch mei it fierder ûntwikkelen fan Code Young wylst it op bredere skaal ynfierd wurdt.

Nei de kandidaatstelling sil Code Young ek in strukturele rol spylje yn hoe't jongereinpartisipaasje ferankere wurdt binnen ús LEYC-program. It wichtichste is dat Code Young fan 2027 ôf formeel yntegrearre wurdt yn gemeentlik belied en gemeentlike beslútfoarming, sadat de jongereinpartisipaasje duorsum boarge wurdt. Fan 2028 ôf sille alle beliedsstikken dy't (ek) de jongerein oangeane, ûntwikkele wurde op basis fan jongereinpartisipaasje neffens de prinsipes fan Code Young. Dat foarmet it bliuwende erfskip fan ús jier as European Youth Capital. Code Young is lokaal ûntwikkele, mar hat in bredere betsjutting: it biedt in helder en praktysk ramt om weardefolle jongereinpartisipaasje struktureel yn belied en beslútfoarming te ferankerjen. Yn 'e rin fan it EYC-jier sille we Code Young aktyf as goede praktyk diele en oanmoedigje fia de Europeeske gearwurkingsferbannen, open-source tools en "*peer learning*" (learen fan en mei inoar). It kin bydrage oan in bredere Europeeske beweging fan weardefolle, ynklusive jongereinpartisipaasje.

Leare troch te dwaan

Hoewol't jongereinpartisipaasje ús útsprutsen ambysje is, erkenne we dat it berikken fan in útienrinnende groep jongerein tiid, trochsettingsfermogen en in kreätive oanpak ferget, en net alle writen dêrta fuort oanslane. Yn 'e rin fan de tariedings binne we bygelyks oerstapt fan it útnûgjen fan jongerein om nei ús ta te kommen, nei it sels oanwêzich wêzen op plakken dêr't dy fan natuere gearkomt. Dy útdagings binne weardefolle lessen yn in kontinu learproses dat no al ús wize fan wurkjen mei de jongerein fersterket. Foarútsjend bliuwt ús program fleksibel, sadat de jongerein sels ynfolling jaan kin oan aktiviteiten en eveneminten, ôfhinklik fan syn ynteresses en it ferlet. Sa draait ús kandidatuer foar European Youth Capital om it opfieren fan ús learproses en it bouwen oan duorsume partisipaasjestrukturen foar de takomst.

Soarten programs

Foar't we yngeane op de inisjativen fan ús program as European Youth Capital, yntrodusearje we de trije programtypes. It Kurearre Program beljochtet de *flagship* inisjativen om ús trije kearntema's hinne, dy't streekkrjocht troch LEYC2028 produsearre wurde of tegearre mei profesjonele partners fia formele gearwurkings. It Iepen Program foarmet de kearn fan ús troch jongerein late fyzje: dêr wurde projekten inisjearre én droegen troch de jongerein sels. It Partnerprogram nûget organisaasjes dy't mei en foar de jongerein wurkje út om, fia Code Young, op in betsjuttingsfolle wize de jongerein te belûken. Yn ruil dêrfoar kriget de jongerein tagong ta de kommunikaasjemiddels, it netwurk en de sichtberens fan LEYC.

Dy trije programlinen binne tegearre mei trije partners ûntwikkele, dy't ing gearwurkje mei de gemeente:

- **Tienskip:** in jongereinorganisaasje dy't de brêge slacht tusken de jongerein en demokrasy. Harren belutsenens rjochtet him op it Jongereinplatfoarm en Code Young, dy't se tegearre ûntwikkele hawwe.
- **Keunstwurk:** in grassrootsorganisaasje foar keunst en kultuer dy't de lieding hân hat by de ûntwikkeling fan it Iepen Program, parten fan it Partnerprogram en it ta stân kommen fan de kandidaatstelling.
- **Arcadia:** de organisaasje dy't fuortkomt út Leeuwarden-Fryslân 2018, de eardere Kulturele Haadstêd fan Europa, en him rjochtet op de *Vitality*- en *Sense of Belonging-flagships* en ûnderdielen fan it Partnerprogram.

— Kurearre Program —

Binnen ús program fungearje trije kearninisjativen as it gesicht fan ús jier as European Youth Capital; de *flagships*. Alle projekten belichemje de kearn fan ien fan ús tema's: *Equity*, *Sense of Belonging* en *Vitality*. Dy *flagships* wurde útfierd yn gearwurking mei in selekte groep partners dy't parsjele finansiering krije om inisjativen mei in grutte ympekt te realisearjen.

De jongerein hat al ynpût jûn oer de foarm fan dy projekten en sil ek yn 'e neikommende faze diel útmeitsje fan de ymplementaasjetooms en aktyf meiwurkje oan de fierdere ûntwikkeling. Sa bliuwe de projekten fleksibel en kinne se meiwaakse mei de feroarjende perspektiven en it ferlet fan de jongerein.



Flagship Equity - Jongereinplatfoarm

De stim fan de jongerein op alle terpen fersterkje

Mei it kearninisjatyf it Jongereinplatfoarm jouwe we praktyske ynfolling oan ús tema *Equity*: soargje dat alle jonge minsken yn Ljouwert sjoen, heard, serieu nommen wurde en folslein partisipearje kinne. It platfoarm ferbynt de útienrinnende groep jongerein struktureel mei de gemeente en soarget dat syn ideeën yn it belied meinommen wurde.

It platfoarm wurdt laat troch trije inoar oanfoljende jongereinorganisaasjes, mei **Tienskip** yn in paadsljochtersrol. Dêrnjonken spylje besteande jongereinorganisaasjes in wichtige rol troch harren eigen mienskippen oan it platfoarm te ferbinen. Besteande digitale mienskippen, lykas LWD Next (ûntstien út it LEYC-proses), fergrutsje it berik ek noch fierder. Op dy wize ferbynt it Jongereinplatfoarm alle 'terpen' fan Ljouwert ta ien krêftich lânskip fan jongereinpartisipaasje.

Yn 'e kearn is it platfoarm in 'twarjochtingssneldyk' tusken de jongerein en de gemeente:

- De gemeente kin fia Code Young **jongereinperspektiven ophelje** troch belied te hifkjen of spesifike fragen te stellen. De begeliedende organisaasjes kinne fragelisten ûntwikkelje of ynteraktive sessys organisearje, ôfhinklik fan wat it bêste past by harren doelgroep en it ûnderwerp.
- Jongerein en jongereinorganisaasjes kinne **sels ûnderwerpen oandrage foar de gemeentlike wurklist**. Begeleiders bringe harren yn kontakt mei de krekte gemeentlike belanghawwers of stelle taskforces gear om tema's hinne dy't de jongerein foar wichtich hâldt of dy't de jongerein streekrijocht rekket. Sa kin de jongerein formeel oan de gemeente advys útbringe.

It Jongereinplatfoarm fernijt it hjoeddeiske systeem troch de jongerein yn Ljouwert op in leechdrompelige en strukturele wize in **betsjuttingsfolle stim te jaan yn it belied**. It biedt in twarjochtingsskanaal tusken de jongerein en de gemeente. Omdat de jongerein geregeld in folle wurklist hat, rjochtet it platfoarm him op fleksibele foarmen fan partisipaasje - fia besteande organisaasjes, online kanalen en oare kreätive wizen - sadat meidwaan net altiten in protte tiid hoecht te kosten. Troch drompels te ferleegjen en betrouwen op te bouwen, stimulearret it Jongereinplatfoarm nije ideeën oer sektoaren hinne (lykas kultuer, sport, soarch en ûnderwiis) en makket it de jongereinpartisipaasje effektiver, ynklusiver en duorsumer.

Dêrnjonken wolle we yn 2028 in konferinsje organisearje dêr't de jongerein út de taskforces fan it platfoarm ûnderfinings en best practices mei leedydsgenoaten út oare Europeeske stêden yn útwikselje kin, yn oerienstimming mei de ambysje fan de Nationale Jeugdraad (NJR) om soksoarte fan útwikselingen te befoarderjen.

Us ûnthjit foar 2028 en dêrnei

Begjinnend by de start fan it Jongereinplatfoarm stribje we nei in jierliks waaksen fan 30% yn de ynfloed fan de jongerein op belied en it útfieren dêrfan, foar in part metten fia Code Young. Tsjin 2026 wolle we op syn minst 10 jongereinorganisaasjes oan it platfoarm ferbûn hawwe en it doel is om yn 2027 in represintatyf en duorsum Jongereinplatfoarm te hawwen dat in fêst plak kriget binnen de gemeentlike beliedssykclus.

Mylpeallen

- **Hjerst 2025**: pilotlansearring fan it Jongereinplatfoarm. Der wurdt in begjin makke mei it ynventarisearjen fan wichtige tema's.
- **Maitiid 2026**: ûntwikkeling fan in mienskiplike langetermynaginda tegearre mei de gemeente en de jongerein, keppele oan de gemeenteriedsferkiezings.
- **Ein 2026**: de earste troch de jongerein inisjearre tema's wurde formeel op de gemeentlike wurklist setten; útwreiding nei op syn minst 10 oansletten organisaasjes.
- **2027**: it Jongereinplatfoarm is represintatyf en duorsum; jierlikse evaluaasje fan de langetermynaginda.
- **2028**: op syn minst 10 tema's steane fia it platfoarm op de gemeentlike wurklist, dêr't op syn minst 2 fan streekrijocht troch de jongerein inisjearre binne.
- **Nei 2028**: legacy: it Jongereinplatfoarm wurdt struktureel yn 'e beliedssykclus ferankere.



Flagship Sense of Belonging - The Spot(s)

Gesellige plakken tusken de terpen

The Spot(s) is it kearninisjatyf binnen ús tema *Sense of Belonging*. It draait om **fysike plakken** dêr't de jongerein him thús fiel en jonge minsken harren mei-inoar ferbine kinne - likefolle op hokker terp oft se opwoeksen binne. Ljouwert telt 22 wiken en 35 doarpen en oeral is de jongerein op 'e siik nei plakken dêr't se der wier by hearre.

Fia in iepen oprop kinne groepen jongerein of jongereinorganisaasjes subysdzje oanfreegje om harren eigen Spot te ûntwikkeljen. Dy lokale 'Spots' kinne hielendal sa ynrjochte wurde as de jongerein dat sels wol en nedich hat om him earne thús te fielen. Sa kin it yn it iene doarp in sportyf moetingssplak wurde en yn in oare wyk in rilekste hang-out. **De jongerein hat de lieding**, wylst jongereinorganisaasjes en de LEYC-wurkorganisaasje stipe biede. Dêrnjonken krije de jongerein en jongereinorganisaasjes de kâns om diel te nimmen oan ERASMUS+-útwikselingen om te learen fan oare, tegearre mei de jongerein ûntwurpen moetingssplakken yn stêden lykas Gent, Lublin en Cluj, en om de ûnderfinings en súksessen fan The Spots te dielen.

Njonken it kreëarjen fan feilige plakken yn de ferskate wiken en doarpen, foarmet ien sintrale 'Spot' it hert fan ús jier as European Youth Capital. Dy sintrale lokaasje - it LEYC-haadkertier fan 2028 - wurdt it plak dêr't de jongerein telâne kin foar ynformaasje en dêr't wichtige ûnderdielen fan it program plakhawwe. Sa sil dêr in part fan de Skill Factory (dat wurdt hjirnei taljochte) húsfeite wurde en wurdt in neutrale moetingssromte dêr't de jongerein yn petear gean kin mei beliedsmakkers en politisy, troch it Jongereinplatfoarm mooglik makke. Dêrnjonken wurdt dy sintrale Spot sjoen as in kreätyf boartersplak dêr't romte is foar lytsskalige eveneminten dy't de jongerein sels organisearret - fan in klupjûn mei dj's oant hobbyklups.

The Spot(s) is ynklusyf: it ferwolkomet nijkommers en ynternasjonale besikers yn ús haadkertier en kreäret feilige plakken foar de jongerein fan alle eftergrûnen - oft it no giet om de jongerein út de LGBTIQ+-mienskip of de saneamde 'ûnsichtbere jongerein'. Eltsenien kin syn of har ferlet útsprekke en meiwurkje oan it bouwen fan plakken dy't echt by harren passe. Boppedat soarget dit konsept derfoar dat sawol de steds- as ek plattelânsjongerein aktyf belutsen wurdt, wat bydraacht oan de sprieding fan aktiviteiten en it fersterkjen fan lokale mienskippen - folslein yn oerienstimming mei EU Youth Goal #6. It idee foar The Spot(s) komt fuort út in dúdlik ferlet fan jongereinplakken en waard fierder útwurke by ús skoalbesiten, dêr't jongerein de ideële '*Chill Spots*' by ûntwurpen. Se beklammen hoe wichtich oft it is om sels mei te tinken oer it ûntwerp en de programmearring, en joegen útienrinnende foarkarren oan foar de ynrjochting fan de plakken. Dat konsept slút ek oan by it gemeentlik belied om 'briedplakken' te stimulearjen - plakken dêr't de jongerein gearkomme, wurkje en kreëarje kin - ynkorpoearre yn it jongereinwurk yn wiken en doarpen.

Us ûnthjit foar 2028 en dêrnei

Yn 2028 biedt The Spot(s) ynklusive plakken dêr't de jongerein himsels wêze, leedydsgenoaten moetsje, nije feardichheden ûntwikkelje en ynfloed op belied útoefenje kin. De ympekt wurdt metten oan de hân fan partisipaasje en feedback fan de jongerein sels.

Nei 2028 tsjinje de súksessen fan The Spot(s) as ynspiraasje foar besteande en takomstige jongereinplakken yn Ljouwert en dêrbûten yn Europa. Us doel is dat der op syn minst **15 Spots** kreëarre wurde troch de jongerein of jongereinorganisaasjes.

Mylpeallen

- **2026:** oprjochting fan de LEYC-wurkorganisaasje en foarming fan in jongereinkearngroep dy't meiwurket oan it ûntwerp fan it haadkertier.
- **Ein 2027:** de lokaasje is klear en it gebou wurdt ynrjochte. Likegoed jongereinorganisaasjes as de jongerein sels kinne subysdzje oanfreegje om harren eigen *Spot* te begjinnen.
- **2028:** de sintrale *Spot* is folslein operasjoneel en ferbûn mei op syn minst 10 oare Spots yn wiken en doarpen.
- **Nei 2028:** de ûnderfinings en súksessen fan The Spot foarmje de basis foar bliuwende jongereinplakken yn Ljouwert en tsjinje as ynspiraasje foar oare Europeeske stêden.



Flagship Vitality - Urban Games

Beweging tusken de terpen - mei holle en hert

Troch de stêd te feroarjen yn ien grut libjend spylboerd, nûgje de **Urban Games** de jongerein út om fan harren terp ôf te kommen en te sporten en spyljen - en sa it tema *Vitality* ta libben te bringen.

Yn 'e rin fan in searje wykeinen wurde strjitten yn 'e stêd en doarpen tydlik autofrij makke en omtsjoend ta plakken foar sport en offline spultsjes. De jongerein docht mei oan in ymposant toernoai fol ferskillende sporten en spultsjes: fan fuotbal en 3x3 basketbal - dy't de Nederlânske olympyske geast fiere, krekt as 100 jier nei de Olympiade fan Amsterdam - oant en mei Fryske sporten lykas fierljeppen en keatsen.

Dêrnjonken binne der tiidleaze klassikers lykas besideboartsjen, tikkeboarstjen en flaggerôf, speurtochten dy't útnûgje ta in boartlik stedsaventoer, reuzeboerdsputtsjes en ûnferwachte flashmobeftige aktiviteiten dy't gewoane strjitten hiel efkes omtsjoene ta wat hiel bysûnders. Jonge minsken kinne meidwaan mei harren eigen tiim of krekt nije minsken kennen leare troch harren by oaren oan te sluten.

Mei dat brede oanbod oan sporten en spultsjes bringe de Urban Games alle jongerein byinoar troch spultsjes en beweging. Fia ús Europeeske netwurk nûgje we ynternasjonale gasten út om Ljouwert te ûntdekken en mei te genietsjen. De Urban Games binne sa ûntwurpen dat se tagonklik en boartlik binne, en stimulearje op dy wize sosjale ynklúzje, wylst se nije sportkânsen kreëarje dy't oanslute by de winsken en it ferlet fan de Ljouwerter jongerein. Dêrnjonken slute de Urban Games perfekt oan by it beliedsramt Sport & Beweging 2025-2035, dat yn maaie 2025 troch de gemeenterie fêststeld is en rjochte is op it fergrutsjen fan sportmooglikheden yn Ljouwert - mei de jongerein as ien fan de wichtichste doelgroepen.

De eksakte ynfolging wurdt it kommende jier yn inge gearwurking mei de jongerein, lokale sportferienings (likernôch 250), studinteferienings, gamingklups en sport- en gamebedriuwen útwurke. BV Sport, de organisaasje dy't de gemeentlike sportakkommodaasjes en buertsportaktiviteiten beheart, spilet dêrby in sintrale rol yn it tagonklik en plezierich meitsjen fan sport en spultsjes foar eltsenien.

Us ûnthjit foar 2028 en dêrnei

Yn 2028 sille de Urban Games mar leafst **35% fan de jongerein** yn Ljouwert berikt hawwe mei aktive, sportive en sosjale útdagings. It evenemint **fersterket** net allinnich de **mentale en fysike fitalens**, mar stimulearret ek gearwurking en kreërret **bliuwende mienskippen**.

Nei 2028 groeie de Urban Games út ta in fêste tradysje, wêrby't de netwurken en mienskippen dy't by de eveneminten ûntstane, in bliuwend ûnderdiel foarmje fan de aktive legacy fan Ljouwert foar de jongerein.

Mylpeallen

- **2026:** de jongerein wurket gear mei partners oan de fierdere ûntwikkeling fan it konsept en de seleksje fan sporten en spultsjes.
- **Simmer 2027:** der fine pilottoernoaien en -spultsjes plak om formats te testen en feedback op te krijen.
- **Maitiid & simmer 2028:** by LEYC2028 feroaret Ljouwert meardere wykeinen lang yn ien grut libjend sport- en spylfjild.
- **Nei 2028:** de Urban Games groeie út ta in jierlikse tradysje, organisearre troch lokale partners mei stipe fan de gemeente - om in bliuwende kultuer fan beweging en ferbining te stimulearjen.



"Ik hoopje dat LEYC2028 doarren iepenje sil foar jonge minsken om te dwaan wat se wolle en te wêzen wa't se wêze wolle." - *Esther*

Frysk is de memmetaal fan Esther.

It Iepen Program wurdt makke troch en foar de jongerein en is yn de ûntwikkelingsfaze ing ôfstimd op Code Young. De projekten draaie om ús trije tema's - *Equity*, *Sense of Belonging* en *Vitality* - mar binne dêr net ta beheind. In projekt kin oanslute by ien, twa of sels alle trije tema's, mei as mienskiplik doel: de jongerein de romte jaan om gewoan jong te wêzen - oftewol Just. Be. Young.

Project500

Project500 is in leechdrompelich mikrofinansieringsinisjatyf dat € 500,00 beskikber stelt oan de jongerein út Ljouwert om eigen ideeën te ûntwikkeljen, te testen en út te wreidzjen. Troch in ienfâldich yntsjinningsproses en begelieding troch in benammen troch jongerein late kommisje kinne dielnimmers in kant en klear projekt of in konsept yn ûntwikkeling yntsjinje. Goedkarde útstellen krije € 500,00 om it idee te realisearjen, tegearre mei sichtberens fia sosjale media en in lichte evaluaasje om de ympekt derfan te folgjen.

Yn maaie 2025 binne we úteinset mei de pilot fan Project500, en we sjogge no al wat de jongerein berikke kin. De earste projekten omfetsje Summerplays, in minyolympyske wike foar de jongerein dy't yn 'e simmer net op fakânsje geane; keunstgers foar in buertfuotbalfjild, in idee fan in 10-jierrige; en in dokumintêre dêr't jonge minsken iepen yn prate oer harren mentale sûnens om it taboe te trochbrekken.

Yn desimber 2025 folget in earste brede evaluaasje om de ympekt te mjitten en it model fierder te ferfinen. It doel is om yn 2028 strukturele finansiering te realisearjen, as ûnderdiel fan de LEYC-legacy.

Doelstellings (2026-2028):

- 600 finansierde projekten
- 3.700+ jonge minsken berikt
- 330 posts op sosjale media

Foar inisjativen dy't boppe it mikrobudzjet fan € 500,00 útgeane, biedt **Project500** twa avansearre stipenivo's:

- **Middelgrutte Projekten:** foar persoanen of groepen mei robúste plannen en in rjochtspersoanlikheid. Dy projekten krije coaching, budzjettêre stipe en in op maat makke ûntwikkelingstrajekt. (*Ferwachte yn 2028: 50 projekten*)
- **Grutte Projekten:** foar inisjativen mei in grutte ympekt dy't yn gearwurking mei organisaasjes opsetten wurde. Dy projekten wurde beoardiele troch in kommisje (foar 50% besteande út jongerein) en slute streekrjocht oan op de kearntema's fan EYC: *Vitality*, *Sense of Belonging* en *Equity*. (*Ferwachte yn 2028: 10 projekten*)

Dy nivo's foarmje in trochstream nei it **Partnerprogram** en ferbine jonge makkers mei bliuwende kânsen, strukturele finansiering en gearwurkings oer sektoaren hinne. Ut de middelgrutte en grutte projekten selektarje we inisjativen mei in krêftige ynternasjonale oantrekkingskrêft of Europeeske link. Fia ús gearwurking mei it Nederlânske Erasmus+-agintskip (Jeugd, Sport & Europees Solidariteitskorps) keppelje we se oan Erasmus+-finansiering. Sa kinne jonge minsken en jongereinwurkers útwikselingen en ynternasjonale projekten opsette, en kinne wy dy inisjativen yn it omtinken bringe binnen ús Europeeske netwurken.

Skill Factory

De Skill Factory is in troch de jongerein ûntwurpen learsintrum dat de jongerein essinsjele libbensfeardichheden bybringt dy't yn it tradisjonele ûnderwiis geregeld ûntbrekke. Tsjin 2028 sil it program workshops oanbiede dy't ôfstimd binne op de echte ynteresses en it echte ferlet fan de jongerein. De tema's en learmetoaden foar dy workshops binne keazen op basis fan in jongereinomfraach en ûntwikkele neffens de sânrinnermetoade. Under de jonge dielnimmers die bliken dat workshops oer itensieden en finansjele ûnôfhinklikens it meast populêr binne, mei in dield foarkar foar praktyske en aktive learfoarmen. De workshops binne bedoeld om selsstannigens, persoanlike ûntwikkeling en kreätiviteit te stimulearjen, en binne opboud út fiif kearntema's:

- **Itensieden en Kultuer:** fan basistechniken en budzjetfreonlike mielen oant it ûntdekken fan wrâldkokens en in duorsume itenskar, mei mienskiplike mielen om kultueren te ferbinen en it mienskiipsgefoel te fersterkjen.
- **Finânsjes en Takomst:** workshops oer budzjetearjen, belestings en it omgean mei finansjele stres, oanfolle mei wichtige libbensfeardichheden lykas it opstellen fan in cv, sollisitearjen en ynsjoch krijen yn fersekerings. Gamified opdrachten en realistyske senario's meitsje it learen boeiend en praktysk.
- **Libbensfeardichheden en Duorsumens:** selsstannichheidsfeardichheden mei in duorsume mindset. Sessys omfetsje doch-it-sels húsûnderhâld, fytssreparaasje, upcycling en libjen mei sa min mooglik ôffal.
- **Kreätiviteit en Technology:** workshops dy't digitale feardichheden en kreätive ekspresje ûntwikkelje, mei omtinken oan feilich online gedrach, storytelling, fideo-editing, muzykproduksje en ynhâldkreaasje.
- **Boargerskip en Partisipaasje:** ynsjoch yn lokaal en Europeesk bestjoer en leare hoe'tst dielnimme kinst oan beslútfoarming fia jongereinrieden, demokratyske prosessen en programs lykas Erasmus+ en it Europeesk Jongereinparlemint.

Om de workshops ek formeel te erkennen, sille dielnimmende ynstellingen de learresultaten offisjeel befêstigje. Sa kinne jonge minsken harren opdiene kennis dokumintearje - ferlykber mei it **Youthpass-sertifikaat** fan Europeeske jongereinprograms - wat harren cv in dúdlike mearwearde jout. Dy oanpak slút oan by de **European Skills Agenda** en stipet de doelstellings fan it inisjatyf *Union of Skills* troch libbensfeardichheden, wurk en aktyf boargerskip op in op de takomst rjochte en ynklusive wize te befoarderjen.

Iepenings- en ôfslutingsfestivals

Wy begjinne en slute ús LEYC-jier ôf mei grutte festivals. Dy festivalsfear slút oan by in dúdlike winsk fan de jongerein en waard al foar in part by ús skoalbesiten ferkend. Dêr joegen se oan dat festivals betelber of fergees wêze moatte om foar eltsenien tagonklik te bliuwen, en dat se in mjuks wolle fan ferneamde artysten en lokaal talint. Dy ideeën wurde yn 'e tariedingsfaze tegearre mei de jongerein fierder útwurke.

— Partnerprogram —

It Partnerprogram bondelet de yntsjinne projekten fan organisaasjes dy't mei en foar de jongerein wurkje. Sintraal stiet in *community of practice*, dêr't alle dielnimmende partners yn gearkomme mei jongereinorganisaasjes en saakkundigen om kennis en metoades om de jongereinpartisipaasje, meiferantwurdlikens en kommunikaasje hinne út te wikseljen. Fia gearwurkings mei ús partners - it Nederlânske Erasmus+-agintskip en EuropaPact Friesland (in regionale non-profitorganisaasje foar Europeeske projektstipe) - krije partners tagong ta in Europeesk netwurk en finansieringsmooglikheden. Dy learomjouwing fersterket de kapasiteit fan organisaasjes en stimulearret in kultuer fan gearwurking, ek foar organisaasjes dy't net folle ûnderfining mei jongereinpartisipaasje hawwe.

Foarbylden fan projekten:

Kombinaasje fan Equity, Sense of Belonging & Vitality

Active Citizen Compass (Erasmus+): in selsevaluaasjetoel dy't ûntwikkele is binnen in Erasmus+-projekt mei seis Europeeske universiteiten en fiif middelbere skoallen. It helpmiddel stipet de jongerein en dosinten by it fersterkjen fan aktyf boargerskip. Fia dialooch, refleksje en mienskiplike projekten befoarderet it it kritysk tinken, ynklúzje en in sterk gefoel fan ferbûnens. Sa stimulearret it de jongerein om him sosjaal, mentaal en fysyk yn te setten as change-makers binnen de eigen mienskip.

Partners yn Ljouwert: *Impulse Ljouwert*, *OSG Piter Jelles*. **Fokus: Jongerein yn de stêd en op it plattelân**

Fryslân Bloeit Young: fersterket de posysje fan de jongerein yn Fryske doarpen en yn wiken troch de jongerein sels duorsume projekten liede te litten - fan bioferskaat en sûnens oant lokale kultuer en enerzjy. It inisjatyf rint sûnt 2023 en sil him yn it tiidrek **2026-2028** noch sterker rjochtsje op it stimulearjen fan jong liederskip en it jaan fan werklike ynfloed oan jonge minsken by it foarmjaan fan in duorsume takomst foar harren mienskip. Partner: *Netwerk Duurzame Gemeenschappen*, tegearre mei in grut oantal doarpen en harren lokale mienskippen. **Fokus: Jongerein yn de stêd en op it plattelân**

Rjochte op Equity

Futuremakers: is in jierlikse karriêrebeurs dy't (ynternasjonale) studinten fan 12 oant 24 jier yn kontakt bringt mei bedriuwen yn 'e bakkerij- en swietichhedensektor foar stúdzje-, staaazje- en wurkmooglikheden. By it evenemint presintearje 25-30 bedriuwen, ûnderwiisynstellingen en maatskiplike organisaasjes de ynklusive en sûne wurkkultuer binnen de sektor. De beurs wurdt troch en foar jonge minsken organisearre en wol harren ynspirearje om in takomst yn 'e wrâld fan bôle en swietichheden te ferkennen.

Partner: Bakery Sweets Center. Fokus: Jongerein yn 'e stêd en op it plattelân

The Green Business Challenge: in searje fan 33 hackathons dêr't 1.500 jonge minsken yn útdage wurde om harren Design Thinking-feardichheden te fersterkjen en echte maatskiplike fraachstikken oan te pakken - mei de klam op duorsumens, mar ek mei omtinken oan bredere maatskiplike tema's.

Partner: Brain Fuel. Fokus: Alle doelgroepen

Working Together - Speaking Together yn Fryslân: jonge minsken mei in migraasje-eftergrûn folgje in taalstaaazje fan 12 oant 20 wiken by regionale bedriuwen, mei begelieding fan in taal- en wurkcoach. Sa ferbetterje se harren praktyske taalfeardigens en wurkûnderfining, fergrutsje se harren kâns op wurk en kinne se folweardich meidwaan oan de Fryske mienskip.

Partners: Fryske gemeenten en 100 regionale wurkjouwers út it midden- en lytsbedriuw. Fokus: Nijkommers

Kombinaasje fan Equity & Sense of Belonging

Quiet Young: ûntwikkelet in jongereinôfdieling binnen de Quiet-mienskip, dy't jongerein yn earmoedsitewaasjes fergees tagong biedt ta tsjinsten, ûnderfinings en sosjale netwurken.

Partner: Quiet Ljouwert. Fokus: Jongerein dy't yn earmoed libbet

Youth Take the Stage: in stedsbreed inisjatyf dat kulturele ynstellingen iepenstelt foar de stim, ideeën en it liederskip fan in nije generaasje. Ut teäter De Harmonie wei wurket de jongerein mei oan programmearring, strategy en belutsenens fan it publyk by útienrinnende kulturele organisaasjes yn Ljouwert. Sa ûntstiet der romte foar troch de jongerein oanstjoerde fernijing yn it hert fan it kulturele libben fan de stêd.

Partners: De Harmonie, lokale kulturele organisaasjes. Fokus: Jongerein yn 'e stêd en op it plattelân, Nijkommers en Jongerein yn kwetsbere situaasjes

Rjochte op Sense of Belonging

MOVE/SAVE: MOVE is in ynternasjonaal jongereinútwikselingsprojekt dat jongerein út Fryslân yn kontakt bringt mei leeftydsgenoaten yn plattelânsgebieten yn Servje, Litouwen en Kroaasje. Fia grinskrusende meetings ferkent MOVE tema's lykas de fitalens fan plattelânsgebieten, ynterkultureel learen en gearwurking op kreätyf mêd. Dielnimmers nimme diel oan yntinsive ûnderfinings dy't fan wjerskanten begryp, persoanlike ûntwikkeling en in dielde fyzje op in libbendige plattelânstakomst befoarderje. MOVE wurdt finansierd troch Creative Europe en Erasmus+ en biedt de jongerein de middels om ideeën te foarmjen oer ynklusivere en duorsumere plattelânsmienskippen yn hiel Europa en dêr foarm oan te jaan. *Partners: doarpen yn Servje, Litouwen, Kroaasje en Fryslân. Fokus: Jongerein yn 'e stêd en op it plattelân*

Kombinaasje fan Sense of Belonging & Vitality

Atelier Sociaal Domein: yn dizze learmienskip wurkje studinten oan oplossings tsjin iensumens ûnder de jongerein. Studinten fan ferskate opliedings - fan mbû oant hbû en master - ûndersykje hoe't meetingsplakken en stypjende netwurken yn Ljouwert en Fryslân betsjuttingsfol wêze kinne.

It ûndersyk wurdt bepaald troch de stim en it ferlet fan jonge minsken sels, mei omtinken oan wat harren helpt om harren sjoen, wurdearre en ferbûn te fielen. In wichtich aspekt is dat de studinten fia peer-to-peer petearen echte ynsichten bleatlizze en nije ideeën generearje foar duorsume feroaring.

Partner: NHL Stenden. Fokus: 'Unsichtbere' jongerein (ferbûn oan it kearninisjatyf The Spot(s))

Serious Game: The Serious Game oer mentale sûnens is ûntwikkele foar studinten fan 16 oant 22 jier yn it fuortset (fû) en middelber beropsûnderwiis (mbû). De Game slút oan by de tema's *Vitality* en *Sense of Belonging*, en biedt in feilige en oansprekkende wize om mentale sûnens besprekber te meitsjen. Yn 'e rin fan de Game leare jonge minsken al dwaande - se meitsje in kar en oerwinne útdagings dy't echte situaasjes wjerspegelje, geregeld sûnder dat se trochhawwe dat se oan it learen binne. Nei alle gamesessys folget in begelaat petear dêr't de ûnderfinings út de Game omsetten wurde yn refleksje, dialooch en bewustwurding.
Partner: Firda. Fokus: Alle doelgroepen

Night Vision: Night Vision is in gearwurkingsferbân fan útienrinnende jonge artistike kollektiven dy't nachts kulturele programs organisearje. Mei-inoar pleitsje se foar in ynklusiver nachtbelied yn Ljouwert, om de stêd oantrekliker te meitsjen en de jongerein der mear by te belûken. Wy organisearje in iepenbiere nachtgearkomste mei de gemeenterie, dêr't de jongerein en beliedsmakkers mei-inoar yn wurkje oan in mienskiplike fyzje op it nachtbliben.

Partners: Leeuwarden Night Collective Gemeente Ljouwert. Fokus: Jongerein yn kwetsbere situaasjes



Rjochte op Vitality

Mind Power: Mind Power is in inisjatyf dat ta doel hat de psychyske sûnens te ferbetterjen troch de wei fan sport. It waard oprjochte troch Berber Swart, in 28-jierrige sportentûsjasteling fan it Ynternasjonaal Olympysk Komitee. Har oanpak is basearre op Olympyske wearden en positive psychology. Op 't stuit laat se jongereinwurkers en sportcoaches op ta Mind Power-coaches, wêrby't se har likegoed rjochtet op sport as op psychyske sûnens binnen de skoalomjouwing. Har doel is om de jongerein te berikken foardat dy yn 'e jongereinsoarch telânekomme troch it hantearjen fan in previntive oanpak.

Partners: BV Sport. Rjochte op jongerein yn kwetsbere situaasjes

8. Management

It doel fan de gemeente foar LEYC2028 is om de jonge minsken in liedende rol te jaan yn harren takomst. Alle jonge minsken dy't ferbûn binne mei Ljouwert binne wolkom om diel te nimmen, as frijwilliger, troch diel te nimmen of troch te wurkjen binnen de wurkorganisaasje foar LEYC. Profesjonele partners wurde oanmoedige harren bydrage oan it LEYC-program te ûntwikkeljen mei jongerein yn in liedende rol, op grûn fan Code Young, en stipe troch organisaasjes mei ûnderfining. LEYC stiet op 't stuit yn kontakt mei - of benaderet aktyf - mear as 155 op de jongerein rjochte organisaasjes, stêden en programs, dêr't 100 offisjeel partner fan binne en harren stipebetsjûging ôfjûn hawwe.

Yn it proses fan de kandidaatstelling foarme it koördinaasjetim de driuwende krêft efter alle aktiviteiten. Mar leafst 60% fan de tiimleden wiene saakkundigen jonger as 35 jier.

Bestjoersstruktuer


De kearn fan it bestjoer fan LEYC bestiet út in troch jonge minsken late wurkorganisaasje, stipe troch partners en de gemeente (dy't de úteinlike politike en administrative ferantwurding draacht).

Mienskiplike Beslútfoarmingsrie

De Mienskiplike Beslútfoarmingsrie (Joint Decision Board) foarmet de strategyske kearn fan LEYC, en bestiet út sân leden: twa gemeentlike beslútfoarmers en fiif jonge minsken, ôfkomstich fan oftewol ús wichtichste gearwurkjende partners, oftewol de jongereinsektor binnen Ljouwert. Alle leden hawwe it selde stimrjocht. **Ferantwurdlikheden:** strategyske beslútfoarming, it bepalen fan de koers, behearen fan risiko's en oplossen fan swierrichheden.

Projektdirekteur: de projektdirekteur (project director) wurdt oansteld troch de gemeente en soarget foar ôfstimming mei de strategyske doelstellingen. De projektdirekteur wurket gear mei in jonge professional yn in mentor-learling-relaasje.

Ferantwurdlikheden: liederskip, bestjoer en stakeholdermanagement. Tafersjoch op de begrutting en de middels, risikobehear en it monitoarjen fan de prestaasjes op programnivo yn gearwurking mei it Utfieringstiim. Fungearret as sintrale skeakel tusken alle partners en it Europeesk Jongereinforum. Soarget oer it ginneraal foar gearhing yn it hiele LEYC 2028-program.



Utfieringstiim en subtiims:

Untwikkeling, útfiering en legacy fan it program binne organisearre yn seis tiims mei spesifike ferantwurdlikheden. Alle tiims besteane út jonge saakkundigen en wurkje neffens in mentor-learling-struktuer:

- **Frijwilligers** - dit tiim koördinearret lokale en ynternasjonale frijwilligers dy't oan LEYC dielnimme. Ynternasjonale frijwilligers kinne ek lid wêze fan dat tiim. De wichtichste rekrutearingsfaze foar frijwilligers fynt plak mids 2027, wêrby't ynternasjonale frijwilligers harren oanslute kinne fia it *European Solidarity Corps*.
- **Program** - hâldt tafersjoch op en/of beheart alle projekten binnen it program, mei omfetsjend de kearninisjativen, it jongereinnetwurk en de projekten út it lepen Program.
- **Marketing & Kommúnikaasje (MarCom)** - ferantwurdlik foar lokale en Europeeske sichtberens, kommunikaasje en promoasje. Binnen dat tiim fungearje trije jonge minsken as ferslachjouwers op it plak sels; se foarmje it gesicht fan MarCom yn de sosjale media.
- **Finânsjes** - hâldt tafersjoch op de budzjetten en de finansjele penning.
- **Monitoring & Evalúaaasje** - folget de KPI's, evalúearret projekten en monitoaret de ymplemintaasje fan Code Young.
- **Europeeske Relaasjes** - fersterket de Europeeske gearwurkings en fernijt it NEYC-netwurk (sa't dat letter yn dit haadstik taljochte wurdt).

Ut alle subtiims fertsjintwurdiget ien jonge meiwurker syn of har tiim yn it Utfieringstiim. Dat tiim, ûnder lieding fan de Projektdirekteur en in learling, fungearret as it sintrale koördinaasje-orgaan en soarget foar gearhing, goede kommunikaasje en in flotte gearwurking tusken alle subtiims.

Lieding troch jongerein

Om betsjuttingsfolle jongereinpartisipaasje te garandearjen, hantearje we Code Young. Dat betsjut dat alle liedingjaande rollen ferfolle wurde troch in jong persoan, of ynrjochte is neffens in mentor-learling-struktuer. Yn dat tendemmodel wurdt in jonge lieder (de learling) begelaat troch in professional mei ûnderfining (de mentor), dy't kennis en ferantwurdling oerdraacht. Fia in dúdlik trajekt fan meirinnen, dielde ferantwurdlikens en úteinlik folsleine oerdracht, soargje we derfoar dat in nije generaasje lieders klearstiet om ús stêd foarm te jaan.

Ekosysteem foar jongerein

Mei LEYC wolle we in ekosysteem foar de jongerein kreëarje dat jongereinplatfoarms en -organisaasjes mei-inoar ferbynt op lokaal, regionaal, nasjonaal en Europeesk nivo. Hoewol't der al gearwurkingsferbannen besteane mei in stikmannich lokale en regionale inisjativen, is it ús ambysje om dy bannen te fersterkjen en de hjoeddeiske fersnippering binnen jongereinstrukturen te ferminderjen. Wy wolle, lykas neamd yn ús motivaasje, “de terpen ferbine”.

- **Lokaal** - lokale inisjativen mei-inoar ferbine om in lokaal ekosysteem foar de jongerein te foarmjen, en dat keppelje oan Europeeske netwurken en inisjativen.
- **Regionaal** - mear partnerskippen oangean mei regionale en nasjonale organisaasjes, lykas de NJR (Nationale Jeugdraad). Sa rjochtet de NJR him de kommende jierren dúdliker op ferbinings mei de jongerein yn lanlike en regionale gebieten.
- **Europeesk** - de gearwurking fersterkje mei organisaasjes dy't lid binne fan it European Youth Forum, âld-dielnimmers fan eardere European Youth Capitals en ynternasjonale jongereinnetwurken. Sa binne der al kontakten lein mei stêden lykas Gent en Lublin, en hawwe útwikselingen plak hân wêrby't de jongerein reizgje en leare koe. Wy wolle dat fierder útbouwe troch it NEYC-netwurk (alumni fan European Youth Capitals) nij libben yn te blazen. Dat netwurk sil ek de Europeeske útwikseling tusken lokale jongereinrieden fersterkje - ien fan de doelstellings fan de NJR.

Om dy ferbinings sichtber en duorsum te meitsjen, ûntwikkelje we tsjin 2027 in fisuele gearwurkingskaart fan op de jongerein rjochte organisaasjes. Dy kaart lit sjen hokke partners aktyf binne, wêr't se binne en hoe't se gearwurkje. De kaart foarmet in libbene legacy-tool (sjoch haadstik 12), dy't meiwaakst mei it him ûntwikkeljende ekosysteem en tydlike gearwurkings útgroeien helpt ta langduorjende gearwurkingsferbannen.

Ynklusive partisipaasje

Om de ynklúzje fan kânsearme en marzjinalisearre jongerein te garandearjen, wurket LEYC gear mei fertroude partners. LEYC wurket gear mei partners dy't in bewiisde steat fan tsjinst hawwe yn it berikken fan spesifike doelgroepen. Foarbylden dêrfan binne Buurtbazen en Buurtsportcoaches, dy't stabyl ferankere binne yn lokale mienskippen en persoanlik kontakt mei kwetsbere jonge minsken hawwe. Sa't bliken docht út de stipebrieven, bout LEYC oan in breed en útienrinnend netwurk fan organisaasjes, elts mei krêftige bannen mei harren eigen mienskip. Dat netwurk fariearret fan jongerein- en wolwêzensorganisaasjes oant ûnderwiisynstellings en partners op it mêd fan mentale sûnens en maatskiplike stipe.

Dy partners binne essinsjeel om ûnderfertsjintwurdige groepen te berikken en harren belutsenens by it program en de bestjoersstrukturen te garandearjen. Wy tinke dat persoanlik kontakt fia in fertroude organisaasje de kaai is ta it berikken fan marzjinalisearre groepen. Projekten dy't dy mienskippen aktyf belûke, krije dêrom prioriteit by it takennen fan stipe.

Njonken dy op partners rjochte oanpak soargje we ek foar streekrjochte, grassrootspartisipaasje fia *LWD Next*: in iepen community dêr't alle jonge minsken by meidwaan kin oan it jier fan de European Youth Capital. Dy útienrinnende groep jongerein jout aktyf foarm oan it program troch ideeën oan te dragen, gear te wurkjen mei partners, inisjativen mei te ûntwikkeljen, advys te jaan oer wichtige tema's en te stimmen oer programkomponenten. *LWD Next* fungearret as in klankboerd yn real time, mei in WhatsApp-groep as leechdrompelich tagongspunt en as sintraal platfoarm foar oanhâldende belutsenens. Sa garandearje we dat alle jonge minsken, net allinnich dyjingen dy't al fia organisaasjes oansletten binne, in plak oan 'e tafel hawwe.

Gearwurking mei eardere en takomstige EYC's

Ljouwert stribbet dernei om no en yn 'e takomst aktyf goede praktiken mei oare European Youth Capitals út te wikselen. It doel is om de partisipaasje fan de jongerein yn it lokale bestjoer en de stêdlike ûntwikkeling mei-inoar te fersterkjen. Dat omfiemet it organisearjen en hosten fan stúdzjebesiten - dêr't al in begjin mei makke is - en dielnimming oan Europeeske gearwurkingsprojekten dy't it fan wjerskanten learen en de ynfloed op de lange termyn befoarderje wolle. Wichtige foarbylden binne:

- **Jongereinútwikselingen:** yn gearwurking mei eardere en takomstige European Youth Capitals lykas Lublin (Poalen), Gent (It Belzelân) en Parma (Itaalje) hawwe tusken juny en septimber 2025 ynternasjonale útwikselsbesiten foar de jongerein plakhân. By dy reizgjen nûge LEYC de jongerein fan Ljouwert út om yn oare Europeeske stêden te ûntdekken hoe't jongereinpartisipaasje dêr foarmjûn wurdt. Dy besiten ynspirearren lokaal belied en stimulearren gearwurking en útwikseling tusken de jongerein, gemeentemearkers en leden fan it kearnstiim. Us reis nei Parma hat yntusken laat ta in nije jongereinútwikseling: **Bring Europe Home**, dy't yn de maitiid fan 2026 plakhat en him rjochtet op de jongerein út kandidaat-EYC's dy't aktyf binne yn harren eigen mienskip.
- **CERV Child Programme: City Next - Up To You(th):** yn gearwurking mei de stêd Gent (It Belzelân) is in útstel yntsjinne dat rjochte is op it belûken fan 12- oant 15-jierrigen by it mei-inoar kreëarjen fan de "stêd fan de takomst". Spesjaal omtinken waard jûn oan ynklusive partisipaasje, benammen troch de jongerein út it spesjaal ûnderwiis of mei in nijkommerseftergrûn.
- **URBACT Transfer Network**
Ljouwert hat him oanmelden foar dielnimming oan in Transfer Network oer boargerbegruttings foar de jongerein, ynspirearre troch it EYC 2015-model fan Cluj-Napoca, tegearre mei stêden lykas Veszprém (It Ongerslân), Bielsko-Biała (Poalen), Valongo (Portugal) en Piacenza (Itaalje).
- **NEYC op 'en nij opstarte:** it European Youth Capital-netwurk wurdt yn 2028 troch LEYC nij libben ynblaasd mei in spesjaal evenemint, sadat eardere titelstêden fierder groeie, kennis útwikselje en fan inoar leare kinne.

Koördinaasje mei it Europeesk Jongereinfoarum

Yn oerienstimming mei de betingsten en ferwachtings fan it Europeesk Jongereinfoarum stelt LEYC út om mienskiplike planningsworkshops te organisearjen om mei-inoar doelstellings, tiidskema's en ferwachtings fan wjerskanten te ûntwikkeljen. Dy gearwurking yn in betiid stadium sil helpe om in mienskiplike fyzje te ûntwikkeljen en de rollen en ferantwurdlikheden dúdlik te definiëarjen.

Om te soargjen foar oanhâldende ôfstimming wurde strukturearre koördinaasjegearkomsten hâlden: ienris yn de twa wiken yn de tariedingsfaze, alle moannen by de ymplemintaasje en nei ôfrin fan it projekt foar evaluaasje en refleksje.

De projektdirekteur is de primêre kontaktpersoan foar kontakt mei it *Europeesk Jongereinfoarum*. Dat garandearret konsistinte kommunikaasje, yntiidse updates en ôfstimming op de mienskiplike doelstellings yn alle fazen fan it projekt.

9. Kommunikaasje en outreach

Fyzje en kearnboadskip

De kommunikaasjestrategy fan LEYC is basearre op in sterke oertsjûging: alle jonge minsken fertsjinje it om jong te wêzen, oftewol "**Just. Be. Young**", sûnder druk, oardiel of beheining. Dat is in oprop ta romte, selsekspresje en betrouwen. De oan it publyk rjochte oprop is: **Own Your Spot!**

Kampanje yn twa fazen: opbouwe en derby hearre (*belonging*)

Faze 1: De beweging opbouwe (2024-2027)

Yn dy brede tariedingsfaze groeit de kommunikaasje stadichoan yn omfang en berik. De fokus leit by dy hiele faze op ko-kreaasje, sichtberens en it opbouwen fan momentum om in troch de jongerein oanstjoerde beweging rjochting 2028 te fersterkjen. De jongerein wurdt berikt fia in oanpak dy't giet om relaasjes: wy sykje de jongerein op wêr't se fan natuere binne - op skoalle, yn jongereinsintrums, yn doarpen, by sportklups en festivals - én online fia WhatsApp-groepen, polls en sosjale media.

Wy fergrutsje dat berik fia netwurkpartners, lykas skoallen (fia boargerskipslessen), jongereinwurkers, de NJR, doarpsferienings, lokale media, saaklike partners en de NEYC. Alle partners krije in kompakte toolkit (mei kant en klear posts en in QR-koade mei unike trackinglink) om de ympekt te mjitten.

Nei dat 2028 tichterby komt, wreidzje we ús kommunikaasje stap foar stap fierder út, sadat eltsenien yn Ljouwert, Fryslân, Nederlân en sels Europa op de hichte is fan ús definitive program, dat we 100 dagen foar 2028 lansearje.

Wichtige eleminten:

- Troch de jongerein kreëarre ynhâld (Instagram, TikTok, eveneminten)

- Regelmjittige belutsenens yn persoan, lykas Project500
- Aktivearring fan partners op skoallen, yn doarpen en yn jongereinromten
- Strategyske storytelling dy't Ljouwert posisjonearret as in symboal fan mooglikheden foar lytsere Europeeske stêden
- Gastlessen op middelbere skoallen en mbû's binnen it fak boargerskipsfoarming, in wetlike ferplichting yn Nederlân. Sa wurdt de ynhâld fan LEYC streekrjocht yn it klasselokaal yntegrearre en stimulearje we aktyf demokratysk boargerskip.
- In kommunikaasjetaskforce (promoasjetiid) bestend út betelle leden dy't helpe om de jongerein te ynformearjen oer it trajekt fan Ljouwert nei de EYC-titel en mooglikheden biedt om mei te dwaan mei de ûntwikkeling fan it program.
- It opsetten fan in kommunikaasjenetwurk mei regionale, nasjonale en ynternasjonale mediapartners.

Faze 2: it EYC-jier (2028)

2028 is it hichtepunt fan alle ynspannings: in jier fan ûnderfining, aksje en ynternasjonale útwikseling.

Wichtige eleminten:

- Goed sichtbere kampanjes dy't sjen litte wat gewoan jong wêzen, oftewol *Just.Be.Young* yn Ljouwert betsjut.
- Grinskrusende storytelling: yn gearwurking mei EYC-stêden, Europeeske jongereinorganisaasjes en mobiliteitsprogramms (Erasmus+, European Solidarity Corps, DiscoverEU) diele jonge dielnimmers harren útwikselingsûnderfiningen fia reels, blogs en takeovers. Sa ynspirearje se leeftydsgenoaten en fersterkje se Europeeske relaasjes.
- Lokale kampanjes om de trije kearntema's hinne, laat troch jongereinambassadeurs.
- It MarCom-tiid bestiet út jonge reporters, kommunikaasjeprofessionals, ynternasjonale ferbinende relaasjes en mediapartners.
- It opsetten fan in kommunikaasjenetwurk mei regionale, nasjonale en ynternasjonale mediapartners.

Doelgroepen en kearnboadskippen

De wichtichste doelgroep bestiet út jongerein fan 12 oant 35 jier yn Ljouwert en omkriten. LEYC erkent it ferskaat binnen dy groep en stimt syn boadskippen dêrop ôf:

- **12-15 jier:** dizze groep wurdt berikt fia skoallen, jongereinsintrums en eveneminten. Fokus: ferbûnens en kreätiviteit. Toan: boartlik, fisueel, ynspirearjend. Kanalen: TikTok, Instagram
- **16-21 jier:** balansearjend tusken skoalle en dieltiidwurk. Fokus: real-life action, frijheid, sichtberens en kânsen. Kanalen: TikTok, Instagram
- **22-35 jier:** faak studearjend, wurkjend of in húshâlding oan it stichtsjen. Fokus: liiderskip, meiferantwurdlikens en ympekt. Kanalen: LinkedIn, WhatsApp, streekrjochte belutsenens by projekten.

Njonken jongerein sels binne ek saakkundigen dy't mei jongerein wurkje, ynwenners en ûndernimmers út de regio essinsjeel foar it súkses en de legacy fan LEYC2028.

Nivo	Doelgroep	Kearnboadskip
Lokaal	Jongerein (12-35) út de stêd en de doarpen, saakkundigen dy't mei jongerein wurkje, en ynwenners	"Dat is dyn stêd. Easkje dyn romte op. Own Your Spot."
Regionaal	Jongerein yn Fryslân, saakkundigen dy't mei jongerein wurkje, ynwenners en ûndernimmers	"Jonge stimmen foarmje Fryslân - romte jaan is betsjutting jaan."
Nasjonaal	Ministearjes, parse, jongereinorganisaasjes	"Ljouwert is in model foar jongereinpartisipaasje yn regionaal Europa."

Europeesk	Jongerein, leeftydsgenoaten EYC, sjuery, netwurken	“Just. Be. Young. In oprop ta frijheid, gelikensens en ferbining.”
-----------	--	--

Middels, ynklúzje en taal

Troch jongerein bepaalde ynhâld stiet sintraal yn ús strategy en wurdt troch de promoasje- en redaksjetiims produsearre fia:

- **Online:** Instagram, TikTok, WhatsApp-groepen, reels, koarte fideo's, digitale storytelling, lokale influencers en de LEYC-thússide.
- **Offline:** eveneminten, flyers, stikers, narrowcasting, skoallen, jongereinsintrums en partnernetwurken

Wy jouwe prioriteit oan ynklúzje troch gearwurking mei skoallen, maatskiplike organisaasjes en bewiisde lokale inisjativen, rjochte op jongerein. De persoanlike kontakten en besteande netwurken fan dy partners binne essinsjeel om ûnderfertsjintwurdige jongerein te berikken. Dy jongerein bringt oannimlikens mei en hat streekrjocht tagong ta syn eigen mienskippen. Dêrnjonken binne alle formats leechdrompelig, meartalich (Nederlânsk, Frysk, Ingelsk), op B1-nivo en foarsjoen fan ûndertiteling en alt-tekst.

Organisaasje en duorsumens

De koördinaasje leit by it MarCom-tiim, besteande út (jonge) kommunikaasjeprofessionals en staaizerinners (learlingen). Maatregels om de duorsumens te garandearjen binne:

- Langetermynntegraasje fan LEYC-wearden yn kommunikaasje oer belied en praktyk
- Werbrûkbere, risaikelbere materialen en sjabloanen
- Gebrûk fan online materialen yn stee fan printwurk, wêr't soks mooglik is
- Klam op iepenbier/groepsferfier by outreachaktiviteiten.



Nei takenning fan de titel sil it offisjeel EYC-logo folslein yn ús fisuele identiteit yntegrearre wurde. It hjoeddeiske, troch jongerein mei-ûntwurpen logo is fleksibel en helder, sadat EYC-branding op alle platfoarms en yn alle materialen opnommen wurde kin.

Monitoring & evaluaasje

Outreach en belutsenens wurde kritysk folge fia in dashboard dat UTM/QR-gegevens, social analytics, thússidebesiten, eventscans, ynklúzje, partneraktivaasje en partnerrapportazjes kombinearret. Der binne KPI's fêststeld foar:

- Jongereinoutreach: ≥60% fan de jongerein yn Ljouwert berikt yn 2027-2028
- Belutsenens: ≥12% fan de berikte jongerein nimt aktyf diel (fia in poll, DM, oanmelding of oanwêzigens by in event)

Momentum & legacy

LEYC is mear as in ienjierrich evenemint; it is in platfoarm dêr't jongereininisjativen en -stimmen bliuwend sichtber makke wurde. De wichtichste LEYC-kanalen (ús sosjalemediaplatoarms, WhatsApp-community en de LEYC-thússide) bliuwe aktyf om jongereinprojekten, -belied en kânsen te dielen.

As ûnderdiel fan de legacy meitsje de jonge ferslachjouwers fan ús MarCom-tiim in lookbook en in film dêr't de hichtepunten fan 2028 yn fêstlein wurde. Se litte projekten, ferhalen en ûnderfinings sjen en foarmje in oanhâldende boarne fan ynspiraasje foar oaren.

10. Tarieding op it EYC-jier

Rûtekaart en wichtige stappen

Us tarieding op Ljouwert European Youth Capital 2028 folget in dúdlik stappeplan yn fjouwer fazen.

1. **Ferkenningsfaze** (Q1 - Q3 2026): tegearre mei de jongerein wurde proefprojekten en prototypes ûntwikkele om oanpakken te testen, te learen wat wurket en ynstellingen oan te moedigjen om beslissingsfoech te dielen. Mylpeallen omfetsje pilots en earste feedbacksyklussen.

2. **Aktivearring & útwreiding** (Q4 2026 - Q1 2027): súksesfolle proefprojekten wurde útwreide nei mear mienskippen, de belutsenens fan jongerein wurdt lokaal en ynternasjonaal ferbrede en de resultaten wurde yn it omtinken brocht om momentum te kreëarjen. Mylpeallen omfetsje útwreide inisjativen en op it publyk rjochte sichtberenskampanjes.
3. **Yntegraasje & duorsumens** (Q2 - Q3 2027): jongereinpartisipaasje wurdt struktureel ferankere yn bestjoersstrukturen, stipe troch nije rollen en ferantwurdingsmeganismes. Rjochtlinen, treningsmodules en beliedsoanbefellings wurde formalisearre. Mylpeallen omfetsje de formele ferankering yn belied en de lansearring fan grutte tariedende eveneminten.
4. **Ferwachtings ûntwikkelje en lêste tariedings** (Q4 2027): kommunikaasjekampanjes fergrutsje de bekendheid yn Ljouwert, Fryslân, Nederlân en Europa. It program, dat 100 dagen foar it iepeningsevenemint lansearre wurdt, foarmet it startsein foar in yntinsive kommunikaasjekampanje, parallel oan de ôfrûning fan de lêste logistike en operasjonele tariedings.

Mylpeallen en te leverjen resultaten

Dizze ûnderskate fazen wurde stipe troch trije parallelle ûntwikkelingslinen dy't derfoar soargje dat alles yn 2028 klear is:

- **Kapasiteitsopbou yn 'e jongereinsektor**: fan gearkomsten yn in betiid stadium nei in sterk, ûnôfhinklik netwurk nei 2028.
- **Kapasiteitsopbou fan de wurkorganisaasje**: fan in lyts kearnthim nei in folsleine struktuer mei yntegrearre jongereinliederskip.
- **Programûntwikkeling**: fan it sammeljen fan ideeën nei in troch jongerein laat program dat foar lansearring ree is.

De neikommende tabel bringt dy linen gear en beljochtet konkrete mylpeallen en resultaten.

Tiidline fan mylpeallen en te leverjen resultaten

Jier	Kapasiteitsopbou yn 'e jongereinsektor	Kapasiteitsopbou fan de wurkorganisaasje	Programûntwikkeling
2024-2025	• Earste gearkomsten mei jongereinorganisaasjes en studintegroepen: yntroduksje LEYC, Code Young en EU-finansiering	• In kearnthim wurdt foarme mei jongerein en saakkundigen fan fjouwer partners.	• Ideeën fan jongerein en partners wurde sammele. • In longlist mei program-ideeën wurdt opsteld.
2025	• Troch Tienskip late sessys mei jongereinorganisaasjes. • Begjin fan netwurkopbou. • Besiten oan eardere EYC's lizze de basis foar de werstart fan it European Youth Capitals Alumni Network (NEYC).	• Jongerein wurdt ynhierd foar betelle funksjes: promoasjetim, redakteuren, ûntwerper, skoalambassadeur, Project500-pilottim (>50% jongerein)	• Beslútfoarming laat troch jongerein. • In shortlist mei program-ideeën wurdt opsteld. • Kandidaatstelling 3 wurdt yntsjinne.
2026	• Fuortsetting fan gearkomsten. • <i>Fan novimber ôf</i>: fokus op gearwurkingsferbannen en projektûntwikkeling.	• LEYC-organisaasje oprjochte. • Jongereinliederskip yntegrearre fia in mentor-learling-struktuer. • Projektûntwikkeling en fersterking fan de jongereinsektor.	• Projekten geane de ûntwikkelingsfaze yn. • Programplannen definityf fêststeld. • Start fan de Community of Practice.
2027	• <i>maaie</i>: Projekten foar de jongereinsektor selektearre. • <i>oktober</i>: Grutte netwurkgearkomste mei learsessys.	• It tim útwreide wurdt mei projektlieders en frijwilligers. • Gearwurking mei skoallen. • Ynternasjonale oprop foar frijwilligers.	• Definitive seleksje en begrutting. • Start fan de produksje. • Troch jongerein late monitoring.

	- Fisuele gearwurkingskaart makke. - Utnûging oan NEYC-leden om it netwurk op 'en nij op te starten.		
2028	<i>april</i>: Stedsbreed evenemint foar de jongerein. - Jongereinaginda opsteld yn gearwurking mei de gemeente.	Ynternasjonaal evenemint foar NEYC	- LEYC-eveneminten lansearre. - Oanhâldende monitoring en praktykmienskip.
2029	- Netwurk jongereinsektor funksjonearret ûnôfhinklik. <i>maaie</i>: gemeente nimt fasilitearring oer. - NEYC is aktyf	- Organisaasje wurdt lytser - Legacy-planning; bliuwt op syn minst 2 jier aktyf om strukturele feroaring te stypjen en tiid te jaan om dy yn de gemeente te ferankerjen.	Troch jongerein late evaluaasje troch in strukturearre methodology.

Dizze fazearre en gearhingjende oanpak soarget derfoar dat likegoed de wurkorganisaasje as de jongereinsektor in betsjuttingsfolle rol ferfolje yn it EYC-jier en in duorsume legacy efterlitte op lokaal, nasjonaal en Europeesk nivo.


11. Evaluaasje

Jongerein stiet sintraal yn ús evaluaasjeproses. De evaluaasje kombinearret kwantitative gegevens mei kwalitative ynsichten om likegoed mjitbere resultaten as persoanlike ûnderfinings yn byld te bringen. Storytelling stiet dêrby sintraal: tsjûgenissen, casestúdzjes en troch jongerein sels makke ynhâld litte de ympekt sjen en jouwe de ferhalen mear djipgong. It evaluaasjeramt is opboud om ús haadtema's hinne en folget in heldere logyske struktuer dy't dy tema's ferbynt mei KPI's, aktiviteiten, ympekt en legacy.

Metoaden en timing

Der wurdt in kombinaasje fan metoaden hantearre foar, yn en nei 2028, lykas werjûn yn it ûndersteande stappeplan:

- Kwantitatyf:** in grutskalige, twajierlikse jongereinomfraach bringt de wichtichste libbensdomeinen fan de jongerein yn kaart, mei omfetsjend sûnens, ûnderwiis, wurk, maatskiplike belutsenens en mooglikheden om mei te kedizen oer belied. De gemeente laat it ûndersyk en soarget foar brede promoasje, mei spesifyk omtinken oan de jongerein mei minder kânsen. Dêrnjonken wurde gegevens sammele oer dielnimmers oan LEYC-aktiviteiten (yn gearwurking mei partners) en wurde publyk beskikbere CBS-gegevens brûkt om de ekonomyske ympekt te mjitten. Alle gegevens wurde analysearre troch it Team Monitoring & Evaluaasje, yn gearwurking mei op syn minst ien ûnôfhinklik regionaal gegevensynstitút. De befinings wurde fia presintaasjes, ferdjippjende sessys en digitale dashboards dield mei de jongerein, beliedsmakkers en Europeeske partners.
- Kwalitatyf:** djipgeande fraachpetearen, fokusgroepen en casestúdzjes bringe persoanlike ûnderfinings yn byld om de tema's *Vitality*, *Sense of Belonging*, *Equity* en *Jongereinpartisipaasje* hinne. Der wurdt bysûnder omtinken jûn oan kwetsbere en dreech berikbere jongerein, yn gearwurking mei jongereinorganisaasjes (lykas Amaryllis) en lokale jongereinwurkers. Sawol de jongerein sels as ek saakkundigen dy't mei jongerein wurkje meitsje diel út fan de storytelling. Foar it útfieren fan it kwalitative ûndersyk wurde ûndersykspartners selektarre, by foarkar studinten fan NHL Stenden en/of Campus Fryslân.



Undersyk mei mixed-methods rûtekaart

Key Performance Indicators (KPI's)

Om de foardering en ympekt te mjitten, brûke we in searje mjitbere en kwalitative yndikatoaren dy't streekrjocht oan ús haadtema's keppele binne. Dy KPI's litte sjen hoe't aktiviteiten harren oersetse litte nei konkrete resultaten en in oanhâldende legacy. De ûndersteande yndikatoaren foarmje de kearn fan ús evaluaasje en wurde fan 2023 ôf kritysk folge, of it moat wêze dat it oars oanjûn wurdt.

Tema	Yndikator	Metoade
Vitality	Selsraportearre fysike en mentale sûnens	Kwantitatyf
	Effektivens fan mentale en fysike sûnensinisjativen	Kwalitatyf
Sense of Belonging	Algemiën geloksgemoel	Kwantitatyf
	Yntinsje om yn de eigen buert, it eigen doarp of yn Ljouwert wenjen te bliuwen	Kwantitatyf
	It oantal studinten yn it heger ûnderwiis dat Ljouwert kiest as stêd om te studearjen	Kwantitatyf
	It oantal beskikbere moeting- en aktiviteiteplakken foar jongerein yn Ljouwert	Kwantitatyf
	Sûkses fan aktiviteiten dy't mienskipsgemoel en identiteit fersterkje	Kwalitatyf
Equity	Fertrouwen fan jongerein yn harren eigen takomstperspektyf (wurk, hûsfesting, foldwaning yn harren libben)	Kwantitatyf
	Ympekt fan programs dy't gelikense kânsen befoarderje, likefolle de eftergrûn	Kwalitatyf
Jongereinpar tisipaasje	Belang fan belutsenens fan de jongerein by belied, sjoen út it perspektyf wei fan de jongerein	Kwantitatyf
	Beoardieling troch de jongerein fan de werklike mooglikheden om mei te kedizen oer ûnderwerpen dêr't se ynfloed op útoefenje wolle (fan 2025 ôf)	Kwantitatyf
	Mjitte en kwaliteit fan belutsenens fan jongerein by belied en programs	Kwalitatyf
Ekonomyk	Oantal besiten oan Ljouwert	Kwantitatyf

Rapportaaasje en fersprieding

Nei alle enkêtesyklussen folge tuskeniidske rapporten troch de LEYC2028-wurkorganisaasje, mei in wiidweidich einrapport dat plend stiet foar maaie 2029. Dat einrapport befettet in evaluaasje fan de folsleine ympekt fan it LEYC-jier en oanrekommandaasjes foar de legacy fan it EYC-jier yn Ljouwert en foar takomstige

European Youth Capitals. Al it kommunikaasjemateriaal wurdt beskikber steld yn it Nederlânsk, Frysk en Ingelsk, yn jongereinfreonlike taal en mei in foarmjouwing dy't de jongerein oansprekt.

Ferspriedingsstrategies:

1. Earste presintaasje oan de jongerein en jongereinorganisaasjes om feedback te sammeljen en de relevânsje te garandearjen.
2. Dêrnei wurdt it diel mei beliedsmakkers, programpartners en it bredere publyk foar de beliedsfoarming en it bepalen fan de praktyk.
3. De fersprieding fynt plak op lokaal, regionaal (Fryslân), nasjonaal en Europeesk nivo om it berik en de ympekt te maksimalisearjen.

Wichtige resultaten binne ûnder oaren:

- In online dashboard, beskikber yn it Nederlânsk en fan 2025 ôf ek yn it Ingelsk
- Artikels en rapporten dy't yn oparbeidzjen mei jonge ûndersikers opsteld binne
- Sosialemediakampanjes dy't spesifyk op in jong publyk ôfstimd binne
- Fisuele gearfettings om de tagonklikens en belutsenens te fergrutsjen
- Presintaasjes foar it *Europeesk Jongereinforum* en oare ynternasjonale partners

12. Ympekt en legacy op de lange termyn

Dizze kandidatuer foar European Youth Capital 2028 foarmet in katalysator om betsjuttingsfolle jongereinpartisipaasje te ferankerjen, gearwurking te fersterkjen en mei-inoar oanhâldende struktueren te kreëarjen dy't *Equity*, *Sense of Belonging* en *Vitality* stypje. Lykas de terpen yn it Fryske lânskip ea fêste grûn beaen, wol ús LEYC-jier se mei-inoar ferbine: ynklusive platfoarms kreëarje dêr't jonge minsken inoar by moetsje kinne, harren stim hearre litte kinne en harren takomst foarmjaan kinne. Yn dit haadstik sketse we de ferwachte drekte én langetermyneffekten fan dy legacy - en litte we sjen hoe't ús LEYC-jier útdagings omset yn duorsume kânsen foar de jongerein.

Drekte effekten

Ljouwert sil al foar en yn it titeljier taastbere ferbetterings sjen op it mêd fan jongereinpartisipaasje en it fersterkjen fan de posysje fan de jongerein. It doel is dat de jongerein tsjin 2029 syn werklike ynfloed 20% positiver beoardielet as by de nulmjitting fan 2025. Dat wurdt berikt troch de jongerein struktureel te belûken by beslútfoarmingsprosessen - likegoed binnen de gemeente as by organisaasjes dy't mei jongerein wurkje. Tsjin 2028 wurdt 100% fan it gemeentlike jongereinbelied ûntwikkele neffens Code Young.

De aktiviteiten binnen ús program hawwe in streekrjocht posityf effekt op it libben fan de jongerein: se fersterkje de bân fan de jongerein mei de stêd, fergrutsje it selsbetrouwen en wolwêzen, en jouwe in aktive rol by de ûntwikkeling fan alle inisjativen. Foar de jongerein mei minder kânsen soargje dêrop rjochte winningsaksjes en stipe fia inisjativen lykas Project500 foar bettere tagong ta aktiviteiten, middels en ynspraakmominten, sadat de jongerein feardichheden, selsbetrouwen en netwurken opbouwe kin. Njonken it berikken fan jongerein binnen de gemeente, ferwachtsje we dat de aktiviteiten liede ta 300.000 ekstra besiten oan Ljouwert yn 2028.

Legacy op de lange termyn

By LEYC2028 wurdt yn oparbeidzjen mei de gemeente, partners en de jongerein sels in nije Jeugd Agenda ûntwikkele. It LEYC-jier fungearret dêrby as in "libjend laboratoarium" foar jongereinpartisipaasje. De meast súksesfolle wurkwizen en inisjativen wurde fuortset, sadat opdienne ynsichten streekrjocht nei langetermynbelied oerset wurde kinne: de Jeugd Agenda 2029-2033.

Wy ferwachtsje no al dat ferskate inisjativen yn it LEYC-jier harren wearde bewize sille en dêrom in bliuwend plak yn 'e stêd krije sille - lykas sichtbere en taastbere legacy fan it LEYC-jier:

- **It Jongereinplatfoarm:** it platfoarm, dat bestiet út jongereinorganisaasjes en de LWD Next-community, fungearret fan 2027 ôf as in twarjochtingsferbining tusken de jongerein en de gemeente.

Ympekt: in permanint en ferankere kanaal dat soarget foar leechdrompelig en struktureel oerlis tusken de jongerein en beliedsmakkers.

- **Code Young:** in paadwizer dy't derfoar soarget dat echte jongereinpartisipaasje struktureel ferankere wurdt binnen de gemeente. Fan 2028 ôf wurdt 100% fan it jongereinrelatearre belied ûntwikkele neffens Code Young.
Ympekt: strukturele, kwalitative jongereinpartisipaasje dy't ynfloed hat op subsydzjes en beliedsûntwikkeling.
- **Fysike jongereinplakken:** de mooglikheid om mei-inoar 'The Spots' te ûntwerpen sil liede ta de ûntwikkeling fan nije of ferbettere fysike jongereinplakken yn de wiken en doarpen fan Ljouwert.
Ympekt: de jongerein kriget mear tagong ta plakken dy't as eigen thús oanfiele.
- **Skill Factory:** yntegrearre yn besteande jongereinwurkplakken, mei regelmjittige workshops en offisjele erkenning fan learresultaten.
Ympekt: de jongerein ûntwikkelet bredere en sterkere feardichheden as tarieding op de arbeidsmerk en it folwoeksen libben.
- **Project500 (mikrofinansiering):** mei garandearre gemeentlike finansiering bliuwt Project500 bestean, dêr't de jongerein mei stimulearre wurdt om inisjativen te organisearjen dy't ynspylje op it ferlet fan de eigen mienskip
Ympekt: in oanhâldende stream fan troch de jongerein late buertinisjativen, dy't de maatskiplike belutsenens en ferantwurdlikens fersterkje.
- **LWD Next:** wurdt fuortset as in dynamyske en waaksende community foar en troch de jongerein, dy't de gemeente en oare ynstellingen advisearret. Dy community is in foarbyld fan de mienskippen dy't we graach fuortkommen sjogge út programûnderdielen lykas de Urban Games.
Ympekt: bliuwende jongereinpartisipaasje en in fersterke *Sense of Belonging*, ek foar jongerein sûnder lokaal netwurk.
- **Ekosysteem foar de jongerein (en in Fisuele Gearwurkingskaart):** (nije) duorsume gearwurking tusken lokale, regionale en Europeeske organisaasjes troch it netwurk en de community of practice binnen de jongereinsektor.
Ympekt: in sterkere ynfrastuktuer, minder fersnippering en tûker brûken fan middels.

Dielde kennis

Fia Europeeske gearwurkingsferbannen - mei jongereinorganisaasjes en fia netwurken lykas NEYC en it RUN-EU-netwurk fan universiteiten - én fia Europeeske programs lykas URBACT Transfer en Interreg Europe, wurde de Jeugd Agenda 2029-2033 en inisjativen lykas Code Young en Project500 diel as open-source good practices. Utwikselingsbesiten, peer-learning-sessys en mienskiplike projekten soargje foar in trochgeande kennisstream. De foardering fan de legacy wurdt folge fia de besteande twajierlikse jongereinomfraach en evaluearre binnen takomstige Jeugd Agenda's. Alle inisjativen wurkje mei lege CO₂-útstjit, sadat miljeuduorsumens struktureel ferankere wurdt yn it jongereinbelied fan de stêd op de lange termyn. Sa waakst ús legacy ta in sterk en duorsum model - fan ús Fryske terpen oant en mei de jongereinnetwurken yn hiel Europa.

13. Yndikaasje fan de begrutting

De rûsde projektkosten foar LEYC 2028 bedrage 7 miljoen euro. Nei ferwachting sil de gemeente Ljouwert 4,9 miljoen euro bydrage, dêr't € 2,5 miljoen al tasein is. Dy bydrage is spesifyk ornearre foar LEYC en omfiemet gjin reguliere (periodike) begruttings. It ûndersteande oersjoch toant de ferdieling fan de begrutting oer de kommende jierren en it bedrach fan de oan no ta feilichstelde begrutting.

Rûsde kosten fan en finansiering foar EYC 2028 troch de gemeente Ljouwert		
Faze 1 en 2 - 2024 en 2025	Tarieding bidbook Seleksje en beoardieling juny 2024 - novimber 2025	€ 710.000
Faze 3 - 2026 en 2027:	Tarieding fan de oanrin en opstarten fan it LEYC-program desimber 2025 - desimber 2027:	€ 1.790.000
Faze 4 - 2028:	Ymplemintaasjejier 2028	€ 4.000.000

Faze 5 - 2029:	Legacy 2029	€ 500.000
Rûsde ymplementaasjekosten:		€ 6.290.000
Totale ferwachte kosten:		€ 7.000.000
Rûsde bydrage út fûnsen, subsydzjes, sponsoring en programpartners (op syn minst)		€ 2.100.000
Eigen bydrage fan de gemeente Ljouwert (totaal - faze 1 - 5):		€ 4.900.000
Ferwachte begrutting:		€ 7.000.000

Der sil mei-inoar in budzjet fan 7 miljoen euro beskikber steld wurde foar it European Youth Capital-program foar it tiidrek 2024-2029, dêr't 4,9 miljoen euro fan ôfkomstich is út gemeentlike middels. Foar faze 1 en 2 is 710.000 euro tasein, dêr't in part fan ynvestearre is yn in pilot fan Project500 (lykas neamd yn haadstik 7). De gemeenterie hat dêrnjonken op 17 septimber 2025 formeel 1,79 miljoen euro goedkard foar faze 3 (de tariedingsfaze). Dat budzjet stipet sawol de benedige organisaasje as ek de plannen fan de jongerein - oft Ljouwert de titel no wol of net kriget. Dêrnjonken is fia it Partnerprogram al 1,2 miljoen euro feilichsteld. Wy ferwachtsje nochris 350.000 euro út sponsoring en 550.000 euro oan oanfoljende ko-finansiering. Alles mei-inoar foarmet dat de 2,1 miljoen euro dy't yn 'e tabel neamd wurdt as bydrage út fûnsen, sponsoring en partnerskippen.

Yn novimber 2026 beslút de gemeenterie oer it restearjende part fan it gemeentlike budzjet foar LEYC (2,4 miljoen euro). It bedrach dat reservearre is foar de legacy liket mooglik beskieden yn ferhâlding ta it folsleine budzjet. De wichtichste reden dêrfoar is dat de legacy fan LEYC - lykas Code Young en it Jongereinplatoarm - beskôge wurdt as de nije beliedsnoarm, basearre op jongereinpartisipaasje.

Nei 2028 sille de resultaten fan LEYC, ynklusyf de ûntwikkele metodiken, wurkwizen en learde lessen, yntegrearre wurde yn it reguliere belied en de finansjele penning fan de gemeente.

Ynvestearje yn de jongerein

De gemeente stelt ferskate foarmen fan finansiering beskikber om de jongerein op útienrinnende gebieten yn harren libben te stypjen. Dat fariearret fan finansjele bydragen dêr't de jongerein út húshâldings wei mei in leech ynkommen lid wurde kin fan sportferienings of kulturele lessen folgje kin om talinten te ûntwikkeljen oant en mei it subsidiearjen fan jongereinwurkers. Alle jierren ynvestearret de gemeente tusken de € 70 miljoen en € 90 miljoen yn ûnder oaren jongereinsoarch, jongereinwurk, jongereinsûnenssoarch, life coaching en begelieding fan te betide skoalferlitters. Mei LEYC wolle we derfoar soargje dat de jongerein mear ferantwurdlikens kriget en dat syn prioriteiten dúdlik sichtber binne yn it hiele program.

It Iepen Program fan LEYC is folslein foar en troch de jongerein ûntwikkele. 40% fan it folsleine programbudzjet is foar dat ûnderdiel reservearre. It giet dêrby om it folsleine trajekt fan mikrobudzjetten oant en mei it waaksen nei in (ûteinlik) grutter ûnderdiel fan it program.

Dêrnjonken wurdt 15% fan de personeelskosten ynsetten foar it mentor-learlingprinsipe, sadat de jongerein binnen de wurkorganisaasje goed begelaat wurdt troch saakkundigen mei ûnderfining. Sa kin de jongerein werklik ferantwurdlikens nimme en in betsjuttingsfolle bydrage leverje oan syn prioriteiten.

Wy meitsje gjin ûnderskied tusken ynvestearings- en eksploitaasjekosten, om't we safolle mooglik besteande foarsjennings en gebouwen benutsje wolle foar gebrûk troch de jongerein. Dêrom foarsjogge we gjin substansjele ynvestearingskosten.

Ynstellingen bondelje de krêften

LEYC 2028 is oan no ta ta opsetten mei trije gearwurkingspartners. Yn de tariedingsfaze leverje dy partners personele ynset en fasiliteiten, wêrby't mar in beheind part fan de dêrby hearrende oeren en kosten trochberekkene wurdt. Dat, yn kombinaasje mei de ferwachte sponsoring en ynvestearings fan partners, fersterket ús finansjele posysje. Om ús fearkrêft sjen te litten en de kontinuïteit fan ús ynset te garandearjen fazearje we de aktiviteiten yn it titeljier op grûn fan prioriteiten. Aktiviteiten dy't rjochte binne op ferantwurdlikens en jongereinpartisipaasje krije dêrby foarrang. Yn 'e finansjele penning betsjut soks dat de klam leit op it Iepen Program en it Demokratysk Program (lykas Code Young, Jongereinplatoarm ensfh.).

It Partnerprogram is finansjeel ûnôfhinklik, om't it finansierd wurdt troch ús partners en selsstannich operearje kin. It Kurearre Program kin beheind wurde as de finansjele situaasje dat fereasket. Kollega's fan de ôfdieling Ekonomyske Saken fan de gemeente hawwe sterke relaasjes opboud mei belutsen bedriuwen yn Ljouwert en benaderen aktyf potinsjele sponsors - mei omfetsjend grutte ynternasjonale organisaasjes lykas Achmea en Rabobank, dy't harren stipe al tasein hawwe. Dy oanpak hat al laat ta aktive belutsenens, lykas út ús stipebrieven bliken docht. De kommende jierren bouwe we dêrop fierder troch potinsjele partners te ferbinen oan de ynhâld fan it program, mei bysûnder omtinken oan de kearntema's en it inisjatyf Code Young.

Fan de publike sektor	EUR	% fan de folsleine EYC-begrutting
EU	450.000	6,5%
Nasjonale en regionale oerheid	500.000	7%
Oare publike middels	800.000	11,5%
Gemeente	4.900.000	70%
Fan de partikuliere sektor	EUR	% fan de folsleine EYC-begrutting
Sponsorskippen	350.000	5%

EYC-begrutting publike sektor *	EUR	% fan de folsleine EYC-begrutting
EU	450.000	6%
Nasjonale en regionale oerheid	650.000	9%
Oare publike middels	1.100.000	16%
Gemeente	4.900.000	70%
Oare		

Mei 'oare publike middels' bedoele we de bydrage oan it Partnerprogram fan ús non-profitpartners, dy't dêrfoar in mjuks fan nasjonale en regionale fûnsen ynsette.

Wat Europeeske finansiering oanbelanget, wurkje we op 't stuit oan ferskate ESF-subsydzje-oanfragen dy't keppele binne oan ûnderdielen fan it LEYC-program. Ien fan dy oanfragen is rjochte op jongereinpartisipaasje en beslacht in tiidrek fan trije jier, fan ein 2025 oant en mei 2028. In oare oanfraach, binnen it program *ESF Social Inclusion*, is rjochte op aktiviteiten dy't sosjale isolaasje trochbrekke en foarkomme. Dy finansiering is ornearre foar it Jongereinperspektyf Fûns, dat him dwaande hâldt mei jongerein mei skulden. Dielnimming oan dat program fereasket dat de jongerein aktyf dielnimt oan aktivearringstrajekten en partisipaasje-programs. Nei ferwachting sil de finansiering in pear hûnderttûzen euro's bedrage. Dêrnjonken hat de gemeente Ljouwert in subsydzje-oanfraach yntsjinne foar it *Citizens, Equality, Rights and Values*-program (CERV). Der is ek in subsydzje takend út de Europeeske Migraasje- en Feilichheidsfûnsen (EMFF) wei, dêr't it Asyl-, Migraasje- en Yntegraasje Fûns (AMFYF-subsydzje) ûnder falt.

In útsplitsing fan it LEYC-budzjet wurdt yn 'e ûndersteande tabel werjûn:

Program	MarCom	Organisaasje	Totaal
Iepen: 40% Kurearre: 10% Partner: 10% Demokratysk: 10%	Marketing Kommunikaasje Outreach Kommunikaasjematerialen	Personiel Gearkomsten en byienkomsten Europeeske gearkomsten en útwikselingen Research, evaluaasje & monitoring Fasiliteiten en logistyk Unfoarsjoen	
70%	15%	15%	100%

14. Eveneminten fan it Europeesk Jongereinfoarum

Ljouwert, in stêd mei in rike tradysje yn it organisearjen fan grutskalige eveneminten, is de ideële lokaasje foar de Statutêre Gearkomste en de útrikking fan de European Youth Capital Award. Troch romme ûnderfining mei ynternasjonale gearkomsten, goed útriste fasiliteiten en in sterke belutsenens by jongereininitjativen is Ljouwert der hielendal klear foar om fan dy eveneminten in grut súkses te meitsjen.

Ekspertize yn eveneminte-organisaasje

Ljouwert hat bewiisd by steat te wêzen grutskalige kulturele, politike en maatskiplik droegen eveneminten te organisearjen. Fan grutte festivals oant foaroprinnende wittenskiplike konferinsjes: de stêd blinkt út yn it kreëarjen fan in gastfrije en ynspirearjende sfear. De evenemintetiims hawwe in protte ûnderfining mei it koördinearjen fan meardaachse programs, mei suvere logistyk, robúste feiligensmaatregels en in ynspirearjende omjouwing likegoed foar ôffurdigen as gasten. Mei de ûnderfining as eardere Kulturele Haadstêd fan Europa hat Ljouwert dêrnjonken in robúste reputaasje opboud as sintrum foar dialoach, kreätiviteit en jongereinpartisipaasje. Lykas neamd yn haadstik 4 beskikt Ljouwert oer treflike foarsjennings op it mêd fan akkommodaasje en ferfier, dy't de tagonklikens stypje.

Ynset foar finansjele en logistike stipe

Ljouwert hantearret in pro-aktive oanpak yn it feilichstellen fan jildmiddels om grutte eveneminten te stypjen, sadat de Statutêre Gearkomste en de útrikking fan de European Youth Capital Award sûnder behinderings plakhawwe kinne. Lokale oerheden, kulturele en ûnderwiisynstellings en saaklike partners binne ree by te dragen fia finansiering, sponsoring en stipe yn natuera. Studinten fan NHL University en Firda spylje in liedende rol by de organisaasje fan dy eveneminten. Mei assistinsje fan ús EU-kantoar yn Brussel, wurket Ljouwert ing gear mei Friesland Convention Partners om likegoed lokale as Europeeske eveneminten oan te lûken en te organisearjen; foar de tariedings fan de European Youth Capital is foar harren in kaaiposysje foarsjoen.

Ljouwert belichemet de geast fan it fersterkjen fan *empowerment* fan de jongerein, duorsumens en ynternasjonale gearwurking. Mei treflike lokaasjes, bewiisde ekspertize, solide finansjele basis en treflike berikberens is Ljouwert klear om in ynspirearjende en perfekt organisearre Statutêre Gearkomste en European Youth Capital Award Ceremony del te setten dy't in bliuwende ympekt hawwe sil.



Ik hoopje dat LEYC2028 it klopjende hert fan in generaasje wurde sil, dêr't stimmen dy't ea swak wiene no doelbewust wjerklinke, dêr't dreamen fan jongerein net allinnich heard wurde, mar ek brûkt wurde om, stien foar stien, it fûnemint te lizzen foar in bettere takomst. - Rico, student, 22 jier, en skriuwer fan de earste kandidaatstelling.

15. Krisisplanning

Hjir sketse we hoe't we it European Youth Capital-projekt beskermje foar politike, operasjonele, belutsenens- en finansjele ûnwissichheden. Yn 'e SWOT-tabel wurde alle faktoaren gearfette dy't de helberens beynfloedzje.

SWOT-analyze

Sterke punten (<i>yntern, posityf</i>)	Swakke punten (<i>yntern, negatyf</i>)
In troch de jongerein late oanpak mei fiif jonge leden yn de sânkoppige Mienskiplike Beslútrie, in tiim dat foar 50% út jongerein bestiet en in goed strukturearre jongereinpartisipaasje fia Code Young.	Jongereinpartisipaasje is noch net folslein yn 'e gemeentlike prosessen ynkorporearre.
Mear as 50% fan it folsleine budzjet is al feilichsteld, en der is romme ûnderfining mei ko-finansiering fanwegen eardere grutte eveneminten.	Ofhinklikens fan de nije gemeenterie (yn funksje fan 2026 ôf) foar de restearjende € 2,4 miljoen.
Ynset foar duorsumens (klimaat, sirkulêre ekonomy).	Utdagings foar de jongerein: mentale sûnens, earmoed, wurkgelegenheid, húsfersting ensfh.
Sterke ynfrastuktuer en goede berikberens fan de stêd (ek op de fyts en te foet).	Demografyske druk troch fergrizing: mear 65-plussers, minder 35-minners.
Ynklusive en meartalige omjouwing	
Bewiisde ûnderfining mei it organisearjen fan grutte eveneminten (lykas LF2018).	
Dúdlik, ôfstimd jongereinbelied (2024-2028)	
Breed draachflak by en projektideeën út de mienskip wei.	
Kânsen (<i>ekstern, posityf</i>)	Bedrigings
LEYC as katalysator foar langetermynferoaring	Politike ferskowings (lanlike ferkiezings yn oktober 2025 en gemeenteriedsferkiezings yn maart 2026).
Langduorjende legacy: Code Young, Jongereinplatfoarm, Skill Factory ensfh.	Belutsenens fan de jongerein kin ôfnimme wannear't de aktive jongerein âlder wurdt of Ljouwert ferlitte foar stúdzje of wurk.
Sterke tematyske fokus: <i>Equity, Belonging, Vitality</i>	Ofnimmend betrouwen yn oerheidsynstallings binnen de mienskip.
Benutsjen fan EU-netwurken en -finansiering (lykas Erasmus+)	Operasjonele risiko's (koördinaasje, logistyk, útfiering).
Fersterking fan de Europeeske identiteit	Ekonomyske delgong of ynflaasje dy't ynfloed hat op kosten en stipe.
€ 2,1 miljoen oan eksterne finansiering beëage.	Diels tekoart oan ko-finansiering (noch € 900.000 nedich).
Doch-it-selsmentaliteit fan de lokale mienskip yn doarpen en wiken.	Ljouwert wurdt troch de jongerein as minder oantreklik ûnderfûn as fiif jier lyn.
In protte inisjatyfrike jonge minsken dy't sels dingen organisearje	
Wiidweidich netwurk fan profesjonele partners (regionaal en binnen de EU).	

Risiko's en risikobeheining

Op grûn fan de SWOT-analyze jout de ûndersteande risikomatriks in oersjoch fan de wichtichste risiko's en ús strategy om dy te beheinen, sadat it European Youth Capital-jier fan Ljouwert in súkses wurdt.

Risikomatriks

Y = Ympekt - effekt op it projektsúkses: **H = Heech** / **M = Middel** / **L = Leech**

L = Likelihood - wierskynlikheid: **H = Heech** / **M = Middel** / **L = Leech**

Risiko	Y	L	Beheinende maatregels en needmaatregels	Begruttingstawizing
1. Fertraging of wegering fan goedkarring fan de begrutting as gefolch fan politike feroarings (nije gemeenterie yn 2026)	H	M	- Yn kontakt bliuwe mei politike en maatskiplike belanghawwenden. - Formele tasizzing fan de gemeenterie yn novimber 2026 feilichstelle. It budzjet foar de tarieding is al troch de hjoeddeiske gemeenterie feilichsteld. - Soargje foar in fleksibel program as de finansiering fermindere wurdt. - LEYC-aktiviteiten ôfstimme op de prioriteiten fan de gemeenterie. - Regionale en nasjonale gearwurkingsferbannen fersterkje om de kontinuïteit te garandearjen as de lokale stipe ôfnimt. - In doelfêste kommunikaasjestrategy útfiere om LEYC sichtber te hâlden by politike transysjes.	- Reservefûns foar mooglike tekoarten. - € 2,4 miljoen feilichstelle yn novimber 2026.
2. Tekoart oan eksterne finansiering	H	M	- Diversifikaasje fan finansieringsboarnen. - Fûnsewinning oan spesifike eveneminten keppelje. - Nije en takomstige programaktiviteiten en eveneminten brûke om nije sponsors en partners oan te lûken.	- Spesjaal budzjet foar fûnsewinning - Reserve foar ko-finansieringstekoarten
3. Ofnimmen fan de belutsenens fan de jongerein	M	M	- Proefprojekten foar de jongerein (Project500). - Gebrûk fan digitale platfoarms (LWD Next). - Ynstitúsjonalisearring fan it Code Young-ramt. - Gebrûk meitsje fan jonge ferslachjouwers en de waarme netwurken fan partners binnen de jongereinkultuer.	- Fûnsen foar jongereinprograms en kapasiteitsopbou.
4. Fertragings by stêdlike transformaasjeprojekten	M	L	- Sterk tafersjoch op projekten. - Alternative lokaasjes en plannen. - Pro-aktive kommunikaasje mei belanghawwers.	- Needbudzjet foar fertragings. - Fûnsen foar operasjonele fleksibiliteit.
5. Operasjonele steuring (logistyk, koördinaasje)	H	L	- Gebrûk meitsje fan evenemintemanagers mei ûnderfining. - Dúdlke rollen en kommunikaasje. - Risikomonitoring en needplanning.	- Budzjet foar saakkundich management en needhelp.
6. Ekonomyske delgong / ynflaasje	M	M	- Ekonomyske trends monitoarje. - Prioriteit jaan oan essinsjele útjeften. - Finansieringsboarnen diversifearje.	- Ynflaasjereserve. - Fleksibel finansjeel behear.

7. Geopolitike ynstabiliteit of terroristyske driging	H	L	- Geopolitike ûntwikkelings folgje fia advizen fan de oerheid (byg. Ministearje fan Bûtenlânske Saken / EU-boarnen). - Fleksibele klausules opnimme yn gearwurkingsoerienkomsten (oermacht, útstelopsjes). - Hybride alternativen ûntwikkelje foar plende aktiviteiten. - Needplan opstelle foar it gefal de situaasje rap eskalearret.	Reserve foar ûnfoarsjoene omstannichheden (10% fan de organisaasjebegutting) om annulearrings, omliedings of oerskeakeling nei onlineformats te dekken.
---	---	---	--	---

De krisisplanning yn dizze kandidaatstelling fersterket aktyf jongereinstrukturen troch meganismen te ferankerjen dy't derfoar soargje dat de jongerein meibestjoert en meitinkt oer oplossings, sels yn it gefal fan ûnfoarsjoene risiko's. De EYC-titel is in mienskiplik besit - fan de gemeente, fan in netwurk fan partners en, boppe-al, fan de jongerein fan Ljouwert en de omlizzende doarpen. Dat mienskiplike eignerskip foarmet in robúste basis foar in fearkrêftich en ympektfol LEYC-jier. Mei-inoar soargje dy maatregels derfoar dat Ljouwert der klear foar is om in European Youth Capital-jier te realisearjen dêr't alle jonge minsken de romte yn krije om te waaksen, harren te ûntwikkeljen en gewoan jong te wêzen; oftewol Just.Be.Young.

Ofslutende tinzen fan ien fan de redakteuren:

Mei de ôfrûning fan dizze twadde kandidaatstelling, einiget ek myn taak. Mar meitsje jimme jim gjin soargjen - jimme sille rap wer fan my hearre. Fan my, én fan de tsientûzenen jonge minsken yn Ljouwert dy't de krêft krigen hawwe om harren stim hearre te litten. Wy hawwe in stim, en krekt no wurde we oanmoedige dy te brûken. Dat sadwaande sille we dat ek mar dwaan!

— Mihai Cășălean, 20 jier, ynternasjonaal studint oan de NHL Stenden Hegeskoalle yn Ljouwert

